

Les 9

9.1. Taaleigen

It taaleigen fan les 9 bestiet foar it *grutste* part út in *omstavering* fan: S.W. Douma, *Frysk Taeleigen-boekje II (mei kaei)*, *It goede krûd*. Drachten: Laverman, 1946 (Rige Lytse Paedwizers – 3). It twadde dieltsje is in oanfolling op S.W. Douma, *Frysk Taeleigen-boekje I, It túch derút!* Drachten: Laverman, 1946 (Rige Lytse Paedwizers – 2). Gâns idioom fan it lêste boekje is ferwurke yn de foargeande skriuwlessen (1 o/m 8). Beide boekjes binne al lang net mear te krijen (te keap). En dat is spitich. ‘It goede krûd’ haw ik op plakken gâns oanfolle, útwreide en ferdúdlike, benammen de *kaai* (sjoch de korreksjeblêden efteryn).

S.W. Douma is in skûlnamme fan dr. Douwe Kalma. De inisjalen ferwize foar ’t neist nei syn striidmaten Sjoerd Rintsjes Sipma en Wike Zylstra út de *Jongfryske Mienskip*. Yn it foaropwurd skriuwt Kalma (âlde stavering): “Staverjen leart men ien kear; taeleigen leart men jins libben lang. Binammen troch syn taeleigen is in tael folks-eigen.

Hoe leart men taeleigen? Hoe forgreatet men jins foarrie oan wurden en sizwizen? Nim dit boekje, dat oars net as ienfâldich taeleigen bifettet, mei sin troch; de kaei makket, dat der gjin master by nedich is. Skriuwen yn in skrift alle sizwizen op, dy’t jin frjemd of net eigen binne; en gean sa’n skrift hieltyd wer efkes goed nei. Mei gauwens sil men fornimme, dat men ek yn it praet en by it lêzen gauris hwat nijs en bysûnders heart. Sa fornimt men, hoe’n rike tael [oft] it Frysk is, en wurdt jins eigen diel oan dy rykdom greater.”

In *siswize* is neffens it *Frysk Hânwurdboek* (2008) in *sprekwize*, (1) in fêste ferbining fan wurden dy’t in figuerlike of metonymyske¹ betsjutting hawwe (it begryp ‘útdrukking’ wurdt ek sa omskreaun); (2) min ofte mear fêste wizen fan sizzen, in *sechje*, lykas ‘de moaiste apels lizze foar it finster’.

De term *siswize* (Holl.: ‘gezegde’) of *útdrukking* soe lykwols ek ûnderskaat wurde kinne fan it begryp *sprekwurd*. In *sprekwurd* is dan winliken wat oars as in *útdrukking* of *siswize*: in útspraak mei in algemiene libbenswiisheid, in befêstiging fan de oarder fan de dingen, of in morele ymplikaasje. De foarm fan in sprekwurd kin suver net feroare wurde en it stiet yn de ûnfolsleine notiid. It past him yn ’e regel net oan it sinferbân oan. It hat de wurdfolchoarder fan in meidielende sin of stiet yn de hjittende foarm (it is gjin fraach).

Sprekwurden en kultuer binne nau inoar ferbûn. It kennen fan sprekwurden hat dus tige te krijen mei it kennen fan de eigen kultuer. Se meitsje de taal kleurriker en jouwe in sprekker de kâns om dingen minder streekrijocht te sizzen. In taal dêr’t de sprekwurden net fan leard wurde, ferearmet. Se soene dus (ek) ryklik yn de (Fryske) taalmetoaden fan it reguliere ûnderwiis foarkommen moatte. Der is in rike kar-út. It *Frysk Hânwurdboek* (2008) hat 1098 sprekwurden opnommen mei in ferklearring (sjoch s. 2343-2372)! Nûmer 1 is: *Dy’t a seit, moat ek b sizze* (dy’t begjint, moat ek trochsette) en nûmer 1998 is: *Nimmen krijet in wurklist foar syn libben* (nimmen wit yn it foar hoe’t syn libben ferrinne sil). Dizze taaleigenles soe skoan op jo wurklist passe. Folje dy allinnich of mei oaren ta de ein ta yn. En dêrnei sukses mei it yn it deistich libben *brûken* fan dy rykdom.

9.1.1. Lân en wetter (I)

1. **Ynfolje** (en by alle siswizen yn dizze en de folgjende opjeften de betsjutting jin effen goed foar de geast helje):

Der is gjin ... mei him te besilen. Sa binne wy mei ien ... oan ... (ynienen klear). Der sitte goede ... yn dy fint. Hoe lichter ... , hoe ... folk. Stille wetters hawwe djippe Sa leit it ... net. Dat is my ek in fet sûnder ... (fan ien dy’t net sêd kin). It sil op dyn ... waaie (der sil dy it leksum oer lêzen wurde)! Ik moat net mear hawwe, ik fiel Wat foel der niis op ’e [oer de] ...? Fan jins eigen ûnder ... komme.

2. **Ynfolje:** Lân, dêr mei in oar ... rinne, dêrmei ...rinne, kinne se net. Dat is lân, dêr’t men de ...wol mei de swipe op jeie kin (tige toar en meager). No is ... yn ’t lân (by in traktaasje). Hy is ien fan dat soarte, dêr’t syn ... bêst rikket, dêr is syn heitelân.

3. **Ynfolje (dyk of wei of paad):**

a. Jûns let op ’en Hy giet syn eigen Sa sterk as in Sa âld as de ... (fan Jeruzalim, Rome). It ... wiist fansels.

b. Der leit in ... oer ús finne. Ik kin net sizze dat it my yn ’e ... west hat. It is my slim yn ’e Hy hat dat baantsje lang holden, no stiet er al wer op ’e Dat sil him de ... wol wize.

c. Hjir is gjin Dêr is allinnich ... by talitting (salang’t de eigener it goed achtet). In jonge oft er út ’e ... dold is. Ik leau, hy is (op) kommende.... Ik wit der gjin ... mei.

d. De lju binne altiten mei it ryk op 'e, mar it is oars net folle. Hy kin hiel wat út 'e ... sette. Dat set gjin seadden oan 'e Dêr kin men alle ... mei út. Do bist oars wol aardich ...kundich, woe 'k hawwe.
e. Hja kinne min mei-inoar oer 'e Sa ryk as de keizer (neaken) op 'e Dat hynder is goed op 'e lange

4. **Wetter**; ynfolje: ... wol gjin wetter sline, wetter wol gjin fjoer It ... om wetter (oan de loft te sjen). Foar **floed** en **ebbe** wurdt meastentiids sein: ... en wetter. Foar Hollânsk 'ik watertand' seit it Frysk: Hy is bang dat er him oan ... wetter baarne sil. Ik haw wol earder mei it wetter foar de ... west. It wetter rint net altiten ien ... út. Lit har mar reizgje, hja wit har foar wetter en ... te mijen. Ik haw wetter en ... mei him besocht (wit wat ik oan him haw).

5. **See**: It ... as de see (as it der wyt fan is, seit men: de see giet oer it ...). Dat froumins (frommes) hat in ... as de see (ek: as in ... skoech, as in skj...). As de see net ... wurdt, kin it ... net bestean. Sykje 10 tiidwurden dy't it lûd fan de see oanjouwe.

9.1.2. Waar en wyn (II)

6. Siswizen foar moai **waar**: it is waar as s..., of as sp...; it is ei...waar. Ungeunstich: su... waar, ûnl... waar; it is in waar, dat gjin goed boer

Ynfolje: heit gie der efkes út, om yn 't waar te ...; it guod leit der mar foar waar en ...; hy spilet ... waar fan in oar syn jild; no hawwe wy it waar; it waar sit yn de Hja rekken yn ... waar; ik haw soarch, wy krije ...waar.

7. Salang't de **wyn** fan 'e ... waait, de hoanne kraait, it gers ... en de beam

Ynfolje: hy hat in bulte wyn yn 'e ...; de bern hawwe de ... wyn yn 'e holle; dat is allegearre wyn en ... (kâlde drokte); de wyn fan ... krije. Gearsettings: dat hat him gjin ... lein; yn 'e hurde wyn op wied er mei syn stevige lea in fikse ... foar har; it hea is no ..., de sinne moat it no fierder dwaan.

8. Foar **hurde wyn**: it waait in ...; it waait dat it r..., l..., stj..., dat gjin sân duvels Wat (hoe) hurder oft it waait, wat (hoe) Dat is ek ien, dy waait mei Fan in grutte man en in lyts wiif: de ... waait him nei.

9. It **reint** dat it e..., sp...; it **friest** dat it kn..., kr..., o.... Licht **snije** is kr...; as in bulte snie falt, kin it b..., d... en w.... Siswizen: as it ... reint, lizze myn skûtels omkeard; it snijt ... hier (by slimme rûzje); it snijt r... en a... (as alles op syn moaist liket).

10. In pastoar/dominy dy't ... mei syn wurden, moat ... mei syn eksimpel (Gabe Skroar). By swierwaar brûke wy foar it lêste tiidwurd Hollânsk 'bliksemflits' is: in ...; 'de bliksem slaat in' is: de ... slacht yn.

9.1.3. Lyts en grut (III)

11. **Ynfolje**: It begrutte de lju om him, hy wie no foargoed ...**lytse**. Doe't bliken die dat de polysje alles wist, waard er lyts.... It liket my ta, hy sit yn 'e lytse Hy rêdt him der bêst út; hy is lyts mar kr.... No tinkt my dochs, do ... dy lyts oan. It liket raar mei him, hy hat oan 'e lytse ... ta west. Hja ferwachtsje dêr in ... (poppe). It hat lyts te betsjutten, wol sizze:

12. Tiidwurden fan **lyts** en **grut** mei in foarheaksel **be-**: It hea ... al aardich. Tsiens gûne (euro) foar dat boek, dat ... my dochs. It moat jin om dat weeske Ik (My) tocht, der moast noch aardich wat turf (jild) sitte, dat ... my raar.

13. Gean nei wat de betsjutting fan **grut** is yn: in grutte skuorre; dat binne grutte lju; dy lju binne wakkere grut; dêr bin ik grut op; hja binne wakkere grut mei-inoar; it is grut wurk mei harren; in grut wurd dwaan. Hy sit efter de grutte doarren, is Gâns lytskes meitsje in Net ryk, mar altiten sûn, dat is in ... (in hiel ding).

14. Foar in bytsje oer stiet in b.... Oare wurden foar in **bytsje**: in gri..., in gru..., in s..., in spr..., foar in **bulte**: in pr..., in kn..., in smi..., in so..., in kl..., in ke..., in kli..., in fl.... Kin efter al dy wurden foar in 'bulte' **minsk** set wurde? Hoefolle is in **mennich**, **rju**, **party**? Foar in **bulte** jild seit men ek: in sl....

15. Wurden foar **in stik**: in ... tsiis; in ... brea; in ... hea (of turf). Spek snije wy ek yn In **stik iten** is in ...; in **stik brea** is altiten r...brea. In hiel stik brea is in o..., in heal stik is s... (Siswize: Hy snijt sydstikken, dat der ... neifljogge.)

9.1.4. Jong en âld (IV)

16. Folje in ôflieding of gearsetting fan **jong** yn: Der is in bulte ... op 'en baan. Is it ... al yn de finne? Jongfolk en jongfee binne beide Binne jimme by it Boun [Bûn] fan de Frysk-nasjonale ...? De ... is de moaiste tiid fan it libben.

17. **Ynfolje:** Dat is in **bern** as in ...! It is in goed bern dat op syn ... liket. Hy hat bern noch Dy't bern útstjoert, kriget It bern is der, it moat (betsjut: Der is neat mear oan te feroarjen). Dat siet der fan al yn. It liket sa'n meunster, mar hy is st... fan it wiif.

Ofliedings: Omke is wakkere ... (hâldt in bulte fan bern). Ik harke mei wille nei dat ... praat. Sok ... praat mei ik net oer. De âld man komt yn 'e

18. **Ynfolje:** Aant hat wer it heechste wurd; it is oars noch mar sa'n ...jonge. Syn âlden hawwe mar lijen mei him; hy wol net om 't Om ... jout er net, hy is faak ûnd... en dôfh.... Hy moast ris by in frjemd, dêr't er ... learde en troch de ... fitere waard.

19. Siswizen mei **âld**: Alde maaie (12 maaie) en âld Ald... (12 nov.); tusken âld en ... (hoenear?); âld j..., âld h..., âld br... komme nimmen net te skea; op âld it fûl; gekheid wurdt wol ris âlde ...: ik haw it him âld ...; do hast der âld wat oan ... (by 't iten); sok âld, sok ...; hy docht in ... as in âld.

20. **Ynfolje:** Dat fanke is my te wiis, it is sa'n âld Fan ... ta ... hat dy pleats yn ús famylje west. Hy is likernôch fan myn Dat hûs is omfallen fan Ien ... kin better seis bern ûnderhâlde as seis bern ien Nammen fan de fingers: lytse ..., gouden ..., âlde ..., potsje..., luze....

9.1.5. Sûn en siik (V)

21. **Ynfolje:** sa sûn as in ...; sa fris as in ...; sa geef as ...; sa siik as in ...; sa heas as in ...; sa wurch as in ...; sa gammel as in ...; sa krebintich [kerbintich] as in ...; sa rjocht as in ...; sa stiif as in ...; sa bryk as in Fan ien waans gewisse net te suver is: hy is net sûn oan 'e

22. **Ynfolje:** By libjen en ... geane wy takomme jier nei Skylge; by deisizzen, as men âlde kunde moetet, heart ...; by it ôfskie winsket men: ... en 't bêste!

23. As it mei de sûnens te winskjen oerlit, is men h... of g... of p..., út o... of út st..., men is út 'e l... of sit yn 'e p...; in sûne skôging is fris en glânzich, in sike ge..., pl..., m.... Foar: do sjochst der net goed út, seit men gauris: do bist ûn... tinkt my. Slim siik is m..., slimmer jit [noch] str....

24. Siswizen oer **sûnens** en **sikens**: der is gjin ... foar woeksen; de gjin ... op; wat siik is, is net ... (kin better); hy leit foar ...; hy is bêdr...; de sykte b... oan (wurdt minder); hy gammelet hieltiten om, hy sit wis net yn in goede

25. Foar 'better wurden' brûkt men ek jin ferh..., dus hy hat him aardich f.... Foar 'oanboazje' oer stiet ...; foar 'it sil wol oergean' kin sein wurde: it sil wol oer.... Foar **genêzen** (genies, genêzen) brûkt men ek alfolle: b... wurde of meitsje; de dokter hat my ... makke; de skonk wol net b....

9.1.6. Earm en ryk (VI)

26. **Ynfolje:** sa earm as in l..., in sw..., as J.... Dêr hawwe wy 't earne ... al geande. Hja kriet sa earmh..., it moast jin oandear. Kleien en earm... helpt ús gjin byt. It is dêr earmoede mei ... ombuorde (folsleine earmoede). Wat in ... hat men al mei dat oplape spul. De berntsjes binne mar ea... yn 'e klean.

27. **Ynfolje:** Dat kin de ... net lûke. Ik tink, wy sille wol tige ta de ... moatte. Sa'n moanne op reis, dat mei my net Dy jongkeardel liket aardich rûch op 'e ... te wêzen (aardich jild om hannen te hawwen). Ik leau, hy libbet syn âlden op 'e Dy't net donget, dy't net De iene kin mear mei de ... as de oar mei it jild. De ko hat de ... om 'e hals (bringt no it measte op). De diakens geane mei it ... rûn.

28. In ... man is in ryk man. Mei sa'n hanneltsje is it gûl om ... ('lood om oud iizer'). Jild hoecht der net by, it is spek oan Ik soe gjin jild op ... fan dy man hawwe wolle; as er it rêde kin, hellet er dy it fel oer de Pas op en sloai net; hâld dyn waar op ... No binne wy foargoed yn 'e h... keap (oan 't koarste ein lûke). Better in bline ... as in leech

29. Siswizen foar **rykdom**: Hy hat wol spl... By dy faam sit modder oan 'e Hja witte dêr wol fan tarren en ..., mar it liket faaks mear as 't is. Hy kin fan de bl... libje sûnder dat er de b... hoecht oan te dwaan [oandwaan hoecht]. Hy hat in ...eintsje libben (in libben as in l... op in s... holle). Dat is in man mei in (brede)

30. **Ryk** en in pear besibbe wurden: koart ..., koart ... ('zo gewonnen, zo geronnen'). Rikeljus ... en earmeljus ... rûke fier. It is ... tolve oere. Dat hat ... hûndert gûne (euro) koste. Hy wit syn eigen ... gjin ein (wit sels net hoe ryk oft er is). In yntaast en twa ... (nieren yn 't fet, fan in slachtbist).

9.1.7. Moai en mâl (VII)

31. **Ynfolje**: sa **moai** as p..., as in m..., as in i.... Hy is wakkere moai foar de ..., mar dêr is 't ek mei sein. Hy past wol op dat er de moaie ... bliuwt. Dy ... kin er lang moai mei wêze. Ik stean him net, hy is wat in moaipr.... Dat hat men hast foar moaisj... (in lyts pryske). Men moat moaisk... en wierheid útinoar hâlde.

32. Wurden foar **moai**: *kreas, tsjep, eptich, kein, prûs*. Sa kreas as in ... Hja wie ienfâldich, mar ... yn 't habyt. By in ... blom tinke wy earst oan in leelje, by in ... blom oan in roas. Sa'n ... jongfaam, dêr koe Gabe him net sêd oan sjen. De ... boerinne waard al wat ... doe't masterske har dat ûntfalle liet. Hja is k... en k... op harsels.

33. In mennich **siswizen**: Dy't moai wêze wol, moat Hy leit de moaiste ... yn 't finsterbank. De moaiste apels binne faak Dat is sa moai, dat ... jin de eagen. Sa, no hawwe wy alles wer aardich ... en skjîn. Sa skjîn as de ..., as s..., as s.... Dy faam is noch op ... papier (pompier).

34. Sa mâl (lilk/lulk) as in t.... Hja hat hjoed mar slim it mâl ... oan; hy wie troch 't ... hinne; it gie dêr mâl, it naaide derút as; hy tjirget him as in mâl ...; hy slacht deryn as mâle; wat mâl... is net slim, mar oangean en mâl... komt maklik bargebiten fan.

35. **Ynfolje**: **lilk/lulk, min, ûnsjoch** of in ôflieding dêrfan: Op dy wize makkesto ... lju. It is net sa moai fan dy, him sa ... te meitsjen. Hja is net moai, earder ..., mar in ... aard hat se net. Do berikst mear mei goedens as mei ... De slimste pleagen foar in skipper binne in lek skip en in ... wiif. Muoike hie de hiele moarn in ... sin, en no is omke al sa

9.1.8. Warber en sleau (VIII)

36. **Ynfolje**: Hy docht (alle) ... om dêr beneamd te wurden. Hy ... him tige te **war**, mar it briek him by de hannen ôf. Ik kin hân noch foet te war ... (my net bewege). Fierstente gau joech er de war ... (joech er belies). Do moast dy ... asto wat bedije wolst. W... dy, myn bûk! Is de bûklaper dea? Hy is sa warber as in Dy lju binne warber en gear... (sunich). Dy jonge is sa stomme ... op syn klean.

37. Sa ek: Moarns withoe ier binne se al yn 'e ... (of: binne se al skr...). It skoft is dien, wy moatte wer te De wegen wiene sa glêd, dat men hie gjin Douwe koe by myn broer gjin ... hâlde (by reedriden). Hy skrept him de ... fan 'e Altiten skreppes en ... foar sa'n pear sinten! Syn aard is no ienris sa, hy is tige skre....

38. Tiidwurden foar 'swier arbeidzjen' ynfolje: Hy wr... en wr... de hiele dei lâns, mar wurch liket er nea. De knyntsjedagen binne út, moarn is 't wer ad.... Sân jier b... men om ien goed jier. Men kin altiten mar e..., men hat nea dien. Dat is gjin arbeidzjen mear, dat is be....

39. **Siswizen** oer **wurk**: Hy is it wurk wol No, dy ... oars ek net swak by. Bearn slacht noch altiten foar ... op. Men kin net op alle ... de ... sette. Dy sleauwe jonge eint ek gjin grevel, it begjint my yn te Dy beswierlike húshâlding is har te mânsk. Hja ... deryn. Dat kin sa gjin ... hâlde.

40. **Ynfolje**: Dat is ommers dyn eigen ... skuld. Dat fanke liket no ek altiten like sl... en sl.... Hy hat de boel mar raar fer... litten. It is ... fan my, dat ik dêr net om tocht haw. Dat is ien, dy hat ek foargoed ... op 'e rêch. Hy kin fan l... net út it stee komme. By de ... is nimmen loai (lui). Sa loai as in b..., te loai om nei

9.1.9. Gol en gjirrich (IX)

41. Oare wurden foar **gol**: **myld, foldiedich (foldédich), goed, rynsk**. Boerinne is in ... minske, hja is ek ... foar de earmen. Omke hat de ... hân ris iependien. Do likest hjoed ek mar in ... rite te hawwen! Natoer is in goede ... mem. Fan dy man syn ... sil nimmen rom sopje. Dy't goed foar in oar is, is Wat betsjut: dy jonge is al goed foar himsels? Hy is sa goed as b..., as k..., as er ... is.

42. **Ynfolje**: ... is gjin rynskens. Hy giet der rij yn Hy giet der oan 'e ... ta troch. Dat is weism... jild. Dat is ta weismiten ... (doocht nearne ta). Dat minske hat in bulte str... nedich; yn 'e húshâlding is it in rij....

43. Sa ek: har hiele libben hiene se kloek en d... west. Sa kloek as in b..., as in i.... Hja giene der yn alles s... by lâns. As de bern leare sille, moat der faak gâns wat út... wurde. (By s... rinnen binne wy der noch wol yn in heal oere. Pake rûn o sa s..., de âld man hie út oarder west.)

44. **Fûl** kin yn goede en tsjoede betsjutting brûkt wurde: do moatst helte ... wêze, oars rinne de lju mei dy wei; dat is in ... boer (ferlykje: de boer is fûl; dy jonge is al fûl op 'e f...). Dat minske is sa fûl as in e..., as in f..., as in skj... (yn oare betsjutting: dat guod is ... fûl); as it tige slim is: ... gjirrich.

45. **Siswizen:** Hy sit deun oan it De ... sitte him deun oan 'e holle. Hy wol foar in (euro)sint wol dea as er Hy is slim fan de ... partij. Dat is ek ien fan Kn...! Oare wurden foar in gjirrigert: in n..., in yn.... By **nepert** past it tiidwurd **nipe**: as 't nypt en wer ...; op 't ... ôf ('op het nippertje').

9.1.10. Freonlik en brimstich (X)

46. **Ynfolje:** Hja wiene de jûns by har omkes te freonpr.... Hja wiene wakkere freonh..., de omgong duorre al jierren. Do meist wol oppasse en meitsje gjin ...freonen. Binne jim oan inoar bes...? Nee, mar syn heit wie in ... freon fan mines. It is ... wurk mei dy twa. Mei ik jo dat m... fersykje? Ik soe it m... graach wolle. H... lêzer, slaan dat (dit) yn 'e jamkste fâlde.

47. **Siswizen:** Hy waard dêr wakker l... en s.... Hy wie der o... en t.... Der waard alle s... en t... oan him dien. Do moatst him wat op 'e oankomme. Hy hâldt muoike tige foar It is frjemd, hy s... noch m... ús mear. Dêr hasto my tige mei yn de ... stutsen. Men moat him/har wat witte te heinen en te ..., te hoaien en te

48. **Siswizen** oer *ferkearing* en sa: Hy mei har wol ..., hy hat ... oan har, hy hat ... op har; hy hat in ... rite, hy is ... mei har, ... om har; oarsom: ik mei him net ..., ik haw it m... oan him, it g... op him, ik kin him net s..., ik mei him foar myn eagen net ..., ik mei him net ... hearre.

49. **Ynfolje:** It noaske him net, hy andere mar wat k.... Hy hat in sin as in ..., hy is sa br... en n... dàt. Hy bleau de hiele jûn sa ... as in baarch. As ik dêroer begjin, wurdt er dalik wat kid... (of kie...). Der is net mear mei him te ferkearen, wr... en koartk..., dêr is de ein fan wei. Hja wie sa nidich as in s..., as in t....

50. **Sa ek:** In minske sin is in Sin en wille kin(ne) In tsjustere moarn jout wol ris in Doch dyn plicht en lit Sizzen is neat, dwaan is Koarte reden, en dy fêst,

9.1.11. Each en ear (XI)

51. **Ynfolje:** Do moatst net ferjitte, it each wol ... hawwe. Hy leit al lang mei it ... oer 'e eagen. It each is grutter as it ..., liket it (as ien syn iten net op kin). Ik moat sizze, ik haw al lang in ... each op him hân (him net betroud). It wie foargoed wier, mar it mocht gjin Dat hat sa (it toant net). It wie in hiele skower, hieltiten ... yn 'e wyn.

52. Sa ek: Hy sjocht as in û..., as in t..., as in l..., oft er ien ... hat en de oare ... sil. Dat kinsto ommers mei in ... each wol sjen. Ik seach my dêr de eagen út 'e It wie muoike derom te rêden (om) it spul wat troch it ... te sjen. Hy sjocht de wrâld altiten troch in p... bril (is pessimistysk).

53. Gearsettings mei **-sjen** en **-eagje**. **Ynfolje:** Ik haw my raar op dy man Soesto dy lytse jonge in loech ...? It ein fan Starum oan Inkhuzen ta kin men by klear waar út.... De jongelju binne nei Ljouwert ta om húsrie út te No kinne wy hast de ein Fan Holwert ôf kin men it Amelân skoan Dat stiet noch tige te ..., tinkt my. Sa'n bytsje jild, dêr kin ik it net foar Ik haw soarch, dat it jild kinsto wol ... (bisto moai wis kwyt).

54. In synonym fan **sjen**. **Ynfolje:** it wie al skimerich wurden, dat hy ... wakker op it briefke om. Hja siet de hiele middei foar it finster te It seemanswiif ... nei har mans skip. Hy ... de keale púndyk lâns (del), mar der kaam nimmen. Krekt seach ik dat se om it hoekje Skoften koe se sitte te ... en net ien (nimmen) wist wat der yn har omgie.

Under Gysbert Japiks syn byld stiet: 'Loaitser, nim it foar leaf'; 'loaitser' wol sizze ien dy't ..., en betsjut dus

55. **Siswizen** mei **earen**. **Ynfolje:** De boer leit efkes op Ik leau, hy lit it ear der wol nei Do moatst net tinke dat ik my earen oan 'e holle It kerwei is no al sa fier hinne, it is op in ear nei De earen sille dy jít wol ris ... wurde, heite! Hy harke mei sân, oft him yn 't ear getten waard.

9.1.12. Holle en hert (XII)

56. **Ynfolje:** Al wierret it ek noch sa tsjin, men moat de holle derby No, do koest fan 'e moarn ek wol in ferkeard ... yn 'e holle hawwe! Hy is net goed mei de holle, wol sizze Hy hie it yn 'e holle, kin betsjutte ... en Men kin nea witte wat jin oer 'e holle

57. Sa ek: Ik kin dy sizze, ik haw dêr gâns holbr... mei hân. Dat baaske hat in goed holw.... Studearjen is gjin lea... wurk, mar h... fereasket ek in man. By in bêd praat men fan de ...ein en de f...ein. Hoe hat er dat yn 'e ... krige? (mear folkseigen: yn 'e k..., yn 'e pl...).

58. Sa ek: No dêrfoar omstrûpe, dat is myn ... net. Hy hat in slach makke, dat guod giet fier Dat lytse pjut sit in (goede) ... op, dat sis ik dy. Dy jonge moat der fansels wer op ... en ... by. Hy sit oan ... en ... ta yn 'e skuld, en is ek al ris earder oer 'e ... gien. De kom (kûm) is fol ('boordevol'). Dat is my ûntgien, ik haw it grif sjoen.

59. In mennich (mannich) siswizen mei **hert**: De fîle boerinne tinge de kuorkerinsten it hert út it Hy moat in skoft lizze, mar hy is oars ... fan herten. Wy moatte it hert ris ... meitsje, tinkt my (foar in slokje). It hert slacht my derfan yn 'e ...; it slacht my as in l...; it slacht my a... Hy hâldt him gemiensum, mar it hert sit him Ik wol wol wêze, hy ... my suver by 't hert. Ast(o) it hert yn it ... hast en doch dat, dan sil ik dy fine, heite!

60. Sa ek: Dat binne guon (guods) mei twa ... en gjin hert. Men moat alle ... mar by jinsels rekkenje, dan is men nea sa fier mis. Wylst oaren ride, moat Pibe thúsbluwe; dat is al herts... foar him.

9.1.13. Ferskaat (XIII)

61. **Hân.** Hy hat my raar wat út 'e hannen Hy bringt alles mei de ... hân oer. Dat is op dy manear (wize) gjin hân foar

62. **Foet.** No sit er raar mei twa fuotten yn ien Omke hold altiten de foet by de Wy moatte mei oan 'e efterste foet

63. **Mûle.** Do moatst net altiten de mûle sa ... jaan. It fanke hat wer de mûle yn Hy is syn heit út 'e mûle

64. **Noas.** ... him foaral (benammen) net alles oan 'e noas. Hy seach ... by de noas del. Dy't in noas hat, kin

65. **Lea.** Ik hold my de lea Do kinst my ek alles wol op 'e lea Hy is it wurk wol ..., hy ... wol lea.

66. Om **sterkens** en **gruttens** út te byldzjen; hy hat in rêch as in ..., hannen as ..., skonken as ..., eagen as ..., earen as ..., in lûd as in

67. Men seit: in bern as in ..., in faam as in ..., in keardel as in ... (spotsk: as ..., en ... wie in keardel as in ûnderdoar).

68. **Sin.** Mei ik jo dat yn 't sin ...? It is my troch it sin It hat my nea út it sin

69. **Sin.** Hy hat it net mei ...sin dien. Dy faam hat in bulte sin oan m.... Syn sin is der mar op

70. **Sin.** Der is net mei him te ferkearen, hy hat in sin as in Omke hie in goed sin, mar muoike in m... (of f...) sin.

71. **Moed.** Ik haw der mar ... moed op dat der wat fan op 'e hispel komt. Ik haw der net rjocht myn moed It moed waard it âldminske

72. **Gean.** Dat giet salang't (salang as) it It is dyn skuld, do hast him ... makke (foar: lulk). Ik bin sawat geande en

73. **Stean.** Dat is iten, dat Ik stean dy ... (foar de helt[e] by winst en ferlies). Hy beart tige, mar hy

74. **Sitte.** Sa hat it sitten, sei 't wyfke, en hja de polysje siet de streuper (strûper) ek nei op 'e Ik haw soarch, wy moat it sitte

75. **Rinne.** Hy rint as in It rint al wer as in Dy't rint mei de koer, dy hat; dy't rint mei de sek, dy hat

De korreksjebleden (kaai) begjinne op in nije side (s. 8) hjirûnder.

9.1.14. Korreksjebleden, antwurden (kaai)

I. Lân en wetter

1. **Ynfolje:** der is gjin *lân* mei him te besilen (men kin neat mei him wurde); sa binne wy mei ien *see* oan *lân* (yn ien kear klear); der sitte goede *grûnen* yn dy fint (yn wêzen is dy fint goed); hoe *lichter* lân, hoe *snoader* folk (ferl.: *licht lân*, *lichte lju*, sein fan 'e bewenners fan 'e sângrûn dy't it sa krekt net nimme); stille wetters hawwe djippe *grûnen* (minsken dy't net folle prate, giet ornaris gâns yn om); sa leit it *lân* net (sa lizze de saken net; sa giet dat net); dat is my ek in fet sûnder *boaiem* (fan ien dy't net sêd kin); it sil op dyn *lân* waaie (dêr sil dy it leksum oer lêzen wurde); ik moat net mear hawwe, ik fiel *grûn* (ik bin sêd); wat foel der niis op 'e/oer 'e *grûn* (foel der op 'e flier); fan jins eigen ûnder [de] *ierde* komme (begroeven wurde)

2. **Ynfolje:** lân, dêr mei in oar *oer* rinne, dêrmei *weirinne* kinne se net (*weirinne*: dermei fuortgean en der net mei weromkomme); dat is lân, dêr't men de *luzen* mei de swipe op jeie kin (dat is tige toar en meager lân); no is *Peaske* yn it lân (by in traktaasje; ferl.: *hoe komt Peaske sa yn it lân?*, wêr hawwe wy dit oan te tankje?); Hy is ien fan it soarte, dêr't syn *skoarstien* it bêste rikket, dêr is syn heitelân (dêr't er it bêste de kost fertsjinje kin, dêr fielt er him it bêste thús)

3. Ynfolje (dyk of wei of paad):

- Jûns let op 'en *paad* (ûnderweis); hy giet syn eigen *wei*; sa sterk as in *dyk*; sa âld as de *wei* (fan/nei *Jeruzalim/Rome*; de *wrâld*, *stins fan Feanwâlden*, *skieppedrift* [paad dêr't de skiep lâns dreau wurde]); it *paad* wiist fansels (men fynt it samar)
- der leit in *paad* oer ús finne (in iepenbier fuotpaad oer ús stik greidlân); ik kin net sizze dat it my yn 'e *wei* west hat (fan eat dat wei is, [hum.] ik haw it net sjoen, ik wit net wêr't it is); it is my slim yn 'e *wei* (it is my ta lêst, jout my argewaasje); hy stiet al wer op 'e *dyk* (hat gjin wurk); dat sil him de *wei* wol wize (de omstannichheden sille it him wol ynsjen litte)
- hjr is gjin *paad* (hjr mei men net lâns; ek: it paad is hast net te begean); dêr is allinnich *paad* by talitting (men mei der gean salang as de eigener it talit); in jonge oft er út 'e *dyk* dold is (in grutte en swiere jonge; in kant ['welgemaakt'] persoan); ik leau, hy is kommendewei(s) (hy is yn oantocht, komt der oan, is ûnderweis); ik wit der gjin *wei* mei (ik wit net hoe't it oanpakt wurde moat; der gjin ried mei witte)
- mei it ryk op 'e *dyk* (mei jins besit, rykdom op 'e dyk wêze; mei alles wat men hat pronkje); hy kin hiel wat út 'e *wei* sette (hy is sterk; ek: hy is ryk, begoedige); dat set gjin seadden oan 'e *dyk* (dat leveret gjin foardiel op, smyt neat op); dêr kin men alle *wegen* mei út (dêr kin men op alderlei wize gebrûk fan meitsje); *paad*kundich wêze (it paad kenne, 'wegwijs')
- hja kinne min mei-inoar oer 'e *wei* (hja kinne min mei-inoar opsjitte); sa ryk as de keizer (neaken) op 'e dyk (behoarlik earm); dat hynder is goed op 'e lange wei (it kin in lange wei ôflizze, sûnder wurch te wurden)

4. **Wetter;** ynfolje: *okse* (ek: *ko*; okse = kastrearre bolle; lobje = kastrearje) wol gin wetter sline (*sline* = as iten ta jin nimme, 'snoepen'), wetter wol gjin fjoer *úteaz[g]je* (dwêste, dwestgje, 'blussen')²; it *siket* om wetter (oan de loft te sjen sil it reine); foar **floed** en **ebbe** wurdt meastentiids sein: *heech* en *leech* wetter; foar Hollânsk 'ik watertand' seit it Frysk: *it wetter rint my om 'e tosk*; hy is bang dat er him oan *kâld* wetter baarne sil (hy is te foarsichtich, hoeden); ik haw wol earder mei it wetter foar de *dokter* west hawwe (ik haw wol ûnderfining opdien, dat wol by de ein hân); it wetter rint net altiten ien *wei* út (der komme ek tsjinstuiten, it wierret net altiten mei, 'voor- en tegenspoed wisselen elkaar af'); lit har mar reizgje, hja wit har foar wetter en *fjoer* te mijen (hja is wol los fertroud; hja kin har goed ûnder de minsken bewege); ik haw wetter en *lân* mei him besocht (ik haw in protte ûnderfining mei him; ik ken him goed, wit wat ik oan him haw)

5. **See:** it *reint* as de *see*/as *spek* (it reint tige); en as it wyt fan wetter is: de *see* giet oer it *lân* (it reint tige, der is in swiere bui); dat froumins hat in *bek* as de *see*, as in *opsnijd* skoech, as in *skjirre/brievebus/seine/skearmês/opskuorde pantoffel/opsnijde skoech/skuorredoar*; as de *see* net *beboud* wurdt, kin it *lân* net bestean (it bestean fan it lân hinget ôf fan it befarren fan de *see*, 'wanneer de zee niet geeft, kan de landman niet bestaan'); sykje 10 tiidwurden mei it lûd fan de *see*: *lústerje*, *núnderje*, *njuentsje/njúntsje*, *rûzje*, *gromje*, *beare*, *bylje*, *t[s]jirmje*, *raze*, *tongerje*

II. Waar en wyn

6. Siswizen foar moai **waar**: it is waar as *side*, of as *spek*, it is *einepikewaar*; ûngeunstich: *suterich*, *ûnlijich* waar; it is waar dat gjin goed boer *stjoert syn hûn derop út* [en in minnen-ien syn wiif net]

Ynfolje: heit gie der efkes út, om yn it waar te *sjen* (de loft skôgje; efkes nei bûten gean om te sjen hokfoar waar oft it wurdt); it guod leit dêr mar foar waar en *wyn* (it guod wurdt ferwaarleazge, wurdt net acht slein); hy spilet *moai* waar fan in oar syn jild/guod (hy libbet sûnder noeden en soargen fleurich fan in oar syn jild/guod); no hawwe wy it waar *jit net hân* (no komt der wat bysûnders, dat net ferwachte waard, faaks wol rûzje); it waar sit

yn de *spiegel*/yn de *gerdinen*/it *linnenguod*/it *rút*) (bedjer, ferkleuring, ferwurding ûnder ynfloed fan ljocht en focht); hja rekken yn *tsjok* waar (hja krigen rûzje, swierrichheden); ik haw soarch, wy krije *swier* waar (ik bin bang dat wy needwaar krije; waar mei *tonger* en *wjerljocht* en soms *stoarm*; *ûnwaar* = min, ûnlikich waar, 'slecht, onstuimig, stormachtig weer'! Tink om it ferskil!). Ferl ek.: it is *swier waar* (der is rûzje)

7. Salang as de **wyn** fan de *wolkens* waait, de hoanne kraait, it gers *groeit* en de beam *bloeit* (sein as befêstiging fan in oerienkomst)³;

Ynfolje: hy hat in bulte wyn yn de *swipe/pels* (hy is in droktemakker, in swetser); de bern hawwe de *hurde* wyn yn 'e holle (de bern binne drok troch de hurde wyn); dat is allegearre wyn en *fearren* (dat is allegearre kâlde drokte, in soad praterij en drokte sûnder betsjutting); dat hat him gjin *wynaaïen* lein (dat hat him in soad foardiel jûn); yn 'e wyn op wied er mei syn stevige lea in fikse *wynbrekker* (hy brekt de wyn goed); it hea is no *wyndroech*, de sinne moat it no fierder dwaan (it is noch net hielendal droech; net droech geôch)

8. Foar **hurde wyn**: it waait in *stoarm*; it waait dat it *rikket*, *lillet*, *stjonkt*, dat gjin sân duvels in *strie hâlde kinne*; wat/hoe hurder oft it waait, wat/hoe *fêster trêd* (wat mear swierrichheden, wat mear oft men jin ynspant); dat is ek ien, dy waait mei *alle winen* (hy is mei elts befreone; hy giet mei alle partijen mei, feroaret samar fan miening); fan in grutte man en in lyts wiif: de *bûsdoek* waait him nei

9. It **reint** dat it *east/eazget*, *spielt* (it reint tige; ek: it reint dat it *miicht/poeppearzet/puozzet/stjalpt/sûzet/wisket*; it friest dat it *knapt*, *kreaket*, *ongelet* (ongel = 'ijskegel, ijspegel': it friest dat it *ongelet*: it friest sa fûl dat it wetter stjurret as kearsfet); licht snije is *krôkje*; as der in bulte snie falt, kin it *bankje*, *dúnje*, *wiskje* (= stowe) Siswizen: as it brij reint, lizze myn skûtels altiten omkeard (ik haw ek nea gelok); it snijt *hûnehier* (it giet dêr mâl, se hawwe dêr slim rûzje; ek: it snijt *raar guod/hûneloarten*; it snijt *hûnestront* = tige min waar); it snijt (neat oars as) *roazen* en *anjelieren* (it rint tige geunstich, it is allegearre woltier, 'het is allemaal rozegreur en maneschijn')

10. In pastoar/dominy dy't *tongeret* mei syn wurden, moat earst *bliksemje* mei syn eksimpel (in goed foarbyld is mear wurdich as fermoanjende wurden; eksimpel = foarbyld; ferl.: Gabe Skroar út de *Rimen en Teltsjes* fan de Bruorren Halbertsma); by swier waar brûkt men foar dat lêste tiidwurd *wjerljochtsje*; Hollânsk 'bliksemflits' is: in *wjerljochtslach*; 'de bliksem slaat in' is: de *tonger* slacht yn (en in 'bliksemafleider' = in *tongelier*)

III. Lyts en grut

11. **Ynfolje**: hy wie foargoed *earmelytse* (hy sit yn ferlegenheid); doe't it bliken die dat de polysje alles wist, waard er *lyts* man ([nei in beskuldiging of fernedering] net folle mear te keap hawwe, ynbinne); it liket my ta, hy sit yn 'e lytse *loege* (hy sit yn ferlegenheid, yn 'e ferdrukking, 'in de lij' [= lijkant fan it skip]; hy is yn gefaar, sit yn it nau; loege = wand fan turfbult, opboud fan oploegje turven; loegje/loei = 'optassen, opstapelen', *de golle*, *weide*, *turf loegje*); hy rêdt him der bêst út, hy is lyts mar/en *krigel* (lyts [net grut of sterk] mar/en moedich, 'klein maar dapper'; *krigel* = iverich, enerzjyk, 'bij de pinken', dus hiel wat oars as 'kregel' = 'korzelig, prikkelbaar', nitelich); no tinkt my dochts, do *stelst* dy lyts oan (dyn hâlden en dragen is berneftich, neargeastich, 'kinderachtig, kleingeestig', do uterest dy oerdreaun); it like raar mei him, hy hat oan 'e lytse *dea* ta west (hy hat libbensgefaarlik siik west); hja ferwachtsje dêr in *lytsen* (poppe); it hat lyts te betsjuten, wol sizze: in *bytsje*

12. Tiidwurden fan **lyts** en **grut** mei it foarheaksel **be-**: it hea *belytset* (de foarried hea wurdt lytser); tsien euro foar dat boek, dat *begruttet* jin (dat boek wurdt my te djoer); it moat jin om dat weeske *begrutsje* (fertriet dwaan, oandear, meilijen krije mei, 'aan het hart gaan'; ik tocht, der moast noch aardich wat turf/jild/iten sitte, dit *belytset* my raar (it falt my ôf hoefolle turf/jild/iten oft der is)

13. Gean nei wat de betsjutting fan **grut** is yn: in grutte skuorre (is *net lyts*); dat binne grutte lju (*rike* of *foarname* lju); dy lju binne wakkere grut (hja libje as de hegerein; hja binne heechmoedich); dêr bin ik grut op (dêr lit ik my op foarstean, dêr bin ik grutsk op); hja binne wakkere grut mei-inoar (hja binne tige befreone; ek: hja hawwe ferkearing); it is grut wurk mei harren (hja hawwe ferkearing; se geane yntym mei-inoar om); in grut wurd dwaan (heech opjaan, opsprekke, opskeppe, 'pochen'); hy sit efter de grutte doarren, is yn it *tichthûs* (de finzenis); gâns lytskes meitsje in *grutten[-ien]*; net ryk, mar altiten sûn, dat is in *grutten-ien* (dat is in hiel ding, in grut foarrjocht)

14. Foar in **bytsje** oer stiet in *bulte*; oare wurden foar in **bytsje**: in *grissel*, *gruzel* (lyts stikje), *sier* (in sierke = 'een ziertje'), *sprút* (gjin sprút = 'geen greintje'); foar in **bulte**: in *protte*, *knoarre* [jild], *smite* [folk, minsken, gers], *soad*, *kloft* [folk, fûgels, huzen], *keppel* [bern, skiep, kij, wjudders = fjildarbeiders], *kliber* [jongfolk], *flite* [minsk; 'vleet', 'menigte']

Kin efter al dy wurden foar in *bulte minsken* set wurde? ‘Minsken’ kin net efter *knoarre* setten wurde (in *knoarre* kin ek in ‘knobbel, knoest’ en in ‘kort, gedrongen persoan’ wêze)

Hoefolle is in **mennich, rju, party**? In *mennich/mannich* = in stik of wat, guon, ‘enige’, *mennich* minske; *rju* = aardich wat, in soad; *party* = guon, gâns wat; foar in **bulte** jild seit men ek: in *slompe* [jild]

15. Wurden foar in **stik**: in *hompe* tsiis; in *timpe* brea; in *klibke* hea/turf; ek snije wy spek yn *klibkes*; in **stik iten** is in *brogge*; in **stik brea** is altiten *rogge[n]brea*; in **hiel** stik brea is in *omstik* (‘roggebrood’: folle, hiele sneed), in **heal** stik is in *sydstik* (heale sneed)

Siswize: hy snijt *omstikken/sydstikken* dat de *sydstikken/omstikken* dernei fleane (hy hat in grut wurd, hy fertelt sterke stikken; hy liicht dat er barst; hy seit [immen] goed de wierheid)

IV. Jong en âld

16. Folje in ôflieding of gearsetting fan **jong** yn: der is in bulte *jongfolk* op ’en baan (jonge minsken, jeugd, jongerein); is it *jongfee* yn de finne? (jonge bisten, benammen jonge kobisten; finne = stik lân dat brûkt wurdt as greide); jongfolk en jongfee binne beide *jongguod* (lytse bern; jongbisten); binne jimme by it Bûn fan de Frysk-nasjonale *jongerein* (jonge minsken fan sa likernôch boppe de tolve jier; jonge[re] generaasje); de *jonkheid* is de moaiste tiid ([tiid fan] it jongwêzen)

17. **Ynfolje**: dat is in **bern** as in *blok!* (in grouwe jonge); it is in goed bern dat op syn *faar* liket (faar = heit)⁴; hy hat bern noch *boet* (hy hat neat; hy hat bern noch *hok* [= boet], hy hat gjin bern en sels gjin ûnderkommen foar minsken of fee, dus ek gjin húshâlding yn syn hiele hear en fear, hy is folslein allinnich op de wrâld, ‘hij heeft kind noch kraai’⁵; dy’t bern útstjoert, kriget *bern werom* (men moat dus minsken mei ûnderfining brûke); it bern is der, it moat *ret wurde* (der is neat mear oan te feroarjen; it is no ienkear sa, wy sille der mei rêde moatte); dat siet der fan *bern ôf* [oan] al yn (fan jongs ôf [oan]); it liket sa’n meunster, mar hy is *stedskyn* fan it wiif (hy stiet ûnder kuratele, ‘zit onder de pantoffel’, is net yn tel, wurdt net achte)⁶

Ofliedings: omke is wakkere *bernich* (hy hâldt fan bern); ik harke mei wille net dat *bernlike* praat (as fan in bern); sok *berneftich* praat mei ik net oer (as fan en foar in bern; eigenskippen fan in bern ferfoanend as dat net past; net flink, flau, ûnnoazel; *bernich* praat is sleau, flau praat); de âld man komt yn ’e *bernskens* (tastân fan geastlike ôftakeling, fan ûnthâldferlies, demintens, seniliteit, ferl. ‘Alzheimer’)

18. **Ynfolje**: Aant hat wer it heechste wurd; it is noch mar sa’n *groujonge* (opslûpen jonge, ‘opgeschoten knaap’; syn âlden hawwe mar lijen mei him; hy wol net om ’t *lyk* (hy wol net dwaan wat wol fan him ferwachte wurdt); om *sizzen* jout er net, hy is faak *ûndogensk* en *dô[f]hûdich* (hy is net hearrich, wol net goed harkje); hy moast ris by in frjemd, dêr’t er *omstean* learde en troch de *moster* fitere waard (*omstean* leare = immen moares leare, immen twinge him oan te passen oan de winsken fan de sprekker; immen troch de *moster* fiterje/feugelje/giselje/helje, ‘iemand flink aanpakken, inz. bij het leren van een vak’)⁷

19. Siswizen mei **âld**: Alde maaie (= 12 maaie; Nije maaie = 1 maaie) en âld *Alderheljen* (12 nov.)⁸; tusken âld en *nij* (hoenear? antwurd: tusken 1 en 12 maaie; hja ferfarre tusken âld en nij); âld *jild*, âld *hea* en âld *brea* komme nimmen net te skea (âld jild, âld hea, âld brea komme immen goed fan pas, ‘die wat spaart heeft wat’; wa’t dingen net fuort opbrûkt, mar dêrfan wat oerhâldt of oersparret, hat der letter profyt fan)⁹; op âld *iis friest* it fûl (âlde gefoelens fan haat of leafde binne samar wer oanwakkere)¹⁰; gekheid wurdt wol ris âlde *earnst* (wurdt wolris rûzje); ik haw it him âld *sein* (ik haw him tige de wierheid sein); do hast der âld wat oan *dien* (do hast goed dyn bêst dien, in soad iten); sok âld, sok *jong* (de bern hawwe it aard fan har âlden); hy docht in *wurd* as in âld (hy praat as in grutten-ien; hy is al sa trochwiis, hy kin in *âld* [folwoeksene; grutten-ien] te rieden jaan) Ek: hy docht in wurd as de *see*, in *skearsliper/skjirresliper* (hy praat mei in skerpe tonge), in *spekkeapman* (hy kin it tige opsizze)

20. **Ynfolje**: dat fanke is sa’n âld *fernim* (hja is eigenwiis, in wiisnoas, ‘vroegwijs’); fan *âlder* ta *âlder* hat dy pleats yn ús famylje west; hy is likernôch fan myn *âldens* (fan myn jierren, hast like âld); dat hûs is omfallen fan *âldens*; ien *âlder* kin better seis bern ûnderhâlde as seis bern ien *âlder*; nammen fan de fingers: lytse *pink*, gouden *ring*, âlde *moer*, potsjeslikker, luzeknipper

V. Sûn en siik

21. **Ynfolje**: sa sûn as in *fisk*; sa fris as in *nút*; sa geef as *kryt*; sa siik as in *hûn*; sa heas as in *jerke*; sa wurch as in *maits*; sa gammel as in *pôt*; sa kerbintich as in *kroade*; sa rjocht as in *kears/striel*; sa stiif as in *planke*; sa bryk as in *hispele*; fan ien waans gewisse net te suver is: hy is net sûn oan ’e *lever* (hy is net skjin/sûn/suver oan/op ’e lever, net earlik, net frij fan ûnsuvere bedoelings)

22. **Ynfolje:** by libjen en *sûnwêzen* geane wy takomme jier nei Skylge (by libben en wolwêzen; faak útsprutsen by in beskaat plan of doel); by deisizzen (groetsjen), as men âlde kunde moetet, heart *sûnfreegjen* ('sûn jit/noch, noch sûn?', 'giet it noch goed, hoe is it?'); by it ôfskie winsket men: *sûnens* en 't bêste! (ferl.: wy seine elkoar dei en fregen elkoar sûn)

23. As it mei de sûnens te winskjen oerlit, dan is men *heal, gammel, poatterich* (net fit, min ofte mear siik), út *oarder* of út *stel* (ûntregele wêze, 'ongesteld'), út 'e *liken* (deawurch, te'n ein; *lyk* = tou dat foar fersteviging yn 'e râne fan in seil naaid wurdt, 'zoomtouw van zeil'), of sit men yn 'e *pogge/pôge* (tastân fan sykte of weikwinen, 'kwijning, ongesteldheid, aanval van benauwdheid'); in sike skôging is *geizich, plodzich* (is wat *plodsk* = 'paffig, opgezet, met ongezonde geelachtige kleur' [fan it antlit]), *meepsk* (swak, 'ziekelijk; sêft, 'weekachtig'). Foar: do sjochst der net goed út, seit men gauris: do bist *ûnsjoch*, tinkt my; slim siik is *min*, slimmer jit *striemin*

24. Siswizen oer **sûnens** en **sikens**: Der is gjin *krûd* foar woeksen (der is neat oan te dwaan); der is gjin *ferwin* op (der is neat oan te dwaan, it is ûngenêslig; der is gjin oare mooglikheid; ferl. ek: ik tocht earst der komt gjin *ferwin* mei de pasjint, mar hy is no wer yn 't *ferwin*, d.w.s. it wurdt wer wat better); wat siik is, is net *dea* (kin better; ferl.: altiten *siik* en nea *dea*, d.w.s. faak siik, mar blykber net bot); hy leit foar *anker* (is dronken, yn 'e joarum, loarum, hat te djip syld, 'ligt voor Pampus'); hy is *bêdrid[er]ich* ('bedlegerig'); de sykte *boazet* oan (it wurdt *minder*, d.w.s. *slimmer*); hy gammelet hieltiten om, hy sit wis net yn in goede *hûd* (hy hat gjin sûne konstitúsje, sit net yn in sûn lichem)

25. Foar 'better wurde' brûkt men ek wol jin *ferhelje*, dus: hy hat him aardich *ferhelle*; foar 'oanboazje' oer stiet *oanbetterje*; foar 'it sil wol oergean' kin sein wurde: it sil wol *oerbetterje*; foar **genêzen** (genies, genêzen) brûkt men alfolle: *better* wurde of meitsje; dokter hat my *better* makke; de skonk wol net *betterje*

VI. Earm en ryk

26. **Ynfolje:** sa earm as in *lûs*, in *swel*, as *Job* (as in *lûsangel/stien/stôk/swel/wjirm*); dêr hawwe wy it earm *lijen* al geande (de swierrichheden, aaklikheden, begjinne; it wurdt rûzje); hja kriet sa *earmhertich* (jammerlik, mismooedich); kleien en *earmoedzjen* (seuren) helpt gjin byt; it is dêr earmoede mei *ellinde* ombuorde (folsleine earmoede); wat in *earmoed* hat men mei dat oplape spul (guod dat net folle wurdich is); de bern binne mar *earmtlik* yn 'e klean (op earmoedige wize klaaid, 'armelijk, sober')

27. **Ynfolje:** dat kin de *brune* net lûke [dêr moat de *swarte* by] (dy wielde kinne wy ús net permittearje, dat mei ús net barre, dat kin net lije, dat kin der net ôf, dat kinne wy net betelje); ik tink, wy sille wol tige ta de *bûse/ponge* moatte (betelje moatte); sa'n moanne op reis, dat mei my net *barre* (soks kin net lije, kin ik net betelje); dy jongkeardel liket mar aardich rûch op 'e *bûse/yn* 'e *ponge/op* 'e side te wêzen (hy liket aardich jild om hannen te hawwen; hy jout it jild samar út; maklik, gau in soad keapje); ik leau, hy libbet syn âlden op 'e *bûse* (hy libbet op kosten fan syn heit en mem); dy't net donget, dy't net *ponget* (sûnder wurkjen kriget men gjin lean of risseltaat); de iene kin mear mei de *ponge* as de oare mei it jild (de earm is mei in pear sinten fernimstiger as de rike mei in kaptaal); de ko hat de *ponge* om 'e/oan 'e hals (de ko bringt no it measte op, kin no mei winst ferkoft wurde); de diakens geane mei it *ponkje* rûn (kollektearje yn 'e tsjerke; ek: mei de pet omgean, jild ynsammelje)

28. In *lyk* man is in ryk man (as men by nimmen skuld hat, kin men jinsels ryk fiele); mei sa'n hanneltsje is it gûl om *goarre/goalle* (it is allegearre gelyk, it makket neat út, 'het is lood om oud ijzer'; gûl/goarre = âld, útlibbe hynder); jild hoecht der net by, it is spek oan/om *spinnen* (spek as beleaning foar it spinnen, sein by ruilhandel, 'goederen als werkloon; betaling in natura, ruilhandel'); ik soe gjin jild op *skea* fan dy man hawwe wolle (op rinte, 'geld op intrest'), as it er rêde kin, hellet er dy it fel oer de *nekke* (lit er dy tige betelje); pas op en sloai net, hâld dyn waar op *jild* (*sloaie* = ûnder de priis ferkeapje, 'onder de markt werken'); no binne wy foargoed yn 'e *heinste* keap (binne wy yn 'e minst foardielige situaasje, steane wy der it minst foar, binne wy der min oan ta, lûke wy oan it koartste ein; hein = tichteby, nei-oan); better in bline *hynst* as in leech *helter* (better wat as neat; helter = haadstel, bine, 'halster'; ferl. ek: better in goede rûn as in bline hynst = wês mei in bytsje tefreden as mear ûnberikber is)

29. **Siswizen foar rykdom:** hy hat wol *splint* (*splint* is in *bargoensk* wurd [ûnbegryplike taal, 'geheimtaal'] foar jild, finansjeel fermogen; in faam mei *splint* = mei in goede breidsskat); by dy faam sit modder oan 'e *kloet* (dêr sit gâns jild; kloet = boom mei in tean oan 'e ein, om in boat mei foarút te triuwen, farboom); hja witte dêr wol fan tarren en *smarren*, mar it liket faaks mear as 't is (se nimme it der goed fan; ite en drinke lekker, 'maken goede sier'); hy kin fan de *blêden* libje sûnder dat er de *beam* hoecht oan te dwaan (hy kin fan 'e rinte libje; dy't fan 'e *blêden* libje kin, hoecht de *beam* net te rûpeljen = libje kinne fan de rinte, opbringsten; it fruchtgebrûk

hawwe); hy hat in *heareneintsje/heare-eintsje libben* (hy libbet as in prins; hy hat in tige noflik libben; hy hat in libben as in *lûs* op in *seare holle*); dat is in man mei in (brede) *rêch* (hy is in ryk man)

30. **Ryk** en in pear besibbe wurden: koart *ryk*, koart *earm* (rykdom is net bestindich, 'zo gewonnen, zo geronnen'); rikeljus *sykten/sykten* en earmeljus *pankoeke/strowen* rûke fier (as it mei in riken-ien wat minder giet en mei in earmen-ien wat better, dan hat elts it deroer; strowen = pankoeken); it is *ryklik* tolve oere (goed tolve oere, krekt oer tolven); dat hat *ryklik* hûndert euro koste (goed hûndert euro, wat mear as hûndert euro); hy wit syn eigen *rikens* gjin ein (wit sels net hoe ryk oft er is; *rikens* = it ryk wêzen, rykdom); in yntaast en twa *rikemantsjes* (yntaast = hert, longen en lever fan in slachtbist; rikemantsjes = nieren yn 't fet, fan in slachtbist, benammen fan in baarch)

VII. Moai en mâl

31. **Ynfolje**: sa **moai** as *poes*, as in *minske*, in *ingel/pau wêze* (tige moai); hy is wakkere moai foar de *hân*, mar dêr is it ek mei sein (moai foar it each, skynber, 'poeslief, voor het uiterlijk aardig en vriendelijk zijn'); hy past wol op dat er de moaie *man* bliuwt/spilet/úthinget (jin aardich foardwaan, moai waar spylje [op kosten fan in oar]); de *lilke* man wêze (it *lilke* bist wêze, de skuld krije, derop oansjoen wurde, 'de zondebok zijn'); dy *krupsje* kin er lang moai mei wêze (slepene sykte sûnder útsjoch op ferbettering, kwaal, sjocht, sjochtme, sucht); hy is in *moaiprater* (flaaiier, plomstriker, striker); dat hat men hast foar *moaisjen* (dat kostet omtrint neat); men moat *moaiskyn* en wierheid útinoar hâlde (moaie bûtenkant as kamûflaazje fan in minne binnenkant, ynhâld, misliedend foarkommen, fernis, 'schone schijn')

32. Wurden foar **moai**: sa kreas as in *krúsbei* (klontsje/klûntsje/nulle); hja wie *kreas* yn 't habyt (moai yn 'e klean); in *keine* blom (leelje) (sierlik, moai; *kein* is ek: 'net, keurig, zindelijk, proper; kuis, rein, eerbaar, fier'), in *prûze* blom (roas) (bekoarlik, 'bevallig'); sa'n *tsjep* jongfaam (kreas, moai fan uterlik, 'knap, mooi, welgevormd van uiterlijk'); de *eptige* boerinne (ûnecht, ûnnatuerlik deftich, 'enigszins gemaakt en parmantig') waard al wat *kreas* (misledige, lulk, 'voelde zich beledigd, werd kwaad') doe't masterske har dat ûntfalle liet; hja is *krekt* en *kein* op harsels (*kein* en *keken*, kreas en krekt op harsels)

33. In mannich **siswizen**: Dy't moai wêze wol, moat *pine lije* (moat wat útstean; nijmoadrige klean sitte somtiden net lekker); hy leit de moaiste *apels* (en parren) foar 't finster/yn 't finsterbank/foar de glêzen (hy docht him op syn moaist foar); de moaiste apels binne faak yn 't *hert* ferrotte (fan binnen oantaast, bedoarn); dat is sa moai, dat *ferklearret* jin de eagen (jins eagen te gast gean litte [ferkwikke], 'zich verlustigen bij het zien van iets moois, in het gezicht van een geliefd voorwerp'); wy hawwe alles wer aardich *himmel* en skjin (oprêden en wakkere skjin); sa skjin as de *brân*, as *sûker*, as *sulver* (alhiel skjin); dy faam is noch op *skjin* papier (sûnder ferkearing)

34. Sa mâl/lulk as in *tuorre* wêze ('tor'; sa *grimich*, *lulk*, *mâl*, *nidich* as in *tuorre*, 'erg boos, kwaad'); hja hat hjoed it mâl *fel* oan (hja hat hjoed in min sin; it mâle *fel/jak/de mâle* skuon oan hawwe/krije); hy wie troch it *mâle* hinne (tige fergrime, lulk, *nidich*; útskroeven, oerstjoer); it naaide derút as *âld smoar* (it giet dêr mâl; smoar = ri[e]zel, raand bargefet); hy t[s]jirget him as in mâl *hûn* (hy stelt him tige oan, wynt him bûten alle roai op, giet tekear as in wyld; jin tsjirgje as in *duvel/gek/healwize[ling]/mâle hûn/idioat/wyld*); hy slacht deryn om as *mâle Jan yn 'e hinnen* (hy slacht der raar yn om); wat mâlfar[k]jen is net slim (oangean, gekheid meitsje, mâljeie, 'mallen, stoeien, uitgelaten zijn'), mar oangean en mâl[t[s]]jirgjen komt bargebiten fan (jin tige oanstelle, útlibje, healwiizje, 'tieren'; bargebiten = rûzje)

35. **Ynfolje**: **lilk/lulk**, **min**, **ûnsjoch** of in ôflieding dêrfan: op dy wize makkesto *lilke/lulke* lju (lju mei in fersteurd moed, negative emoasjes); it is net moai fan dy him sa *min* te meitsjen (kwea sprekke fan immen, ien swart meitsje); hja is net moai, earder *ûnsjoch* (lilk, ûnkreas fan uterlik, ûnknap, 'lelijk'; sa *ûnsjoch* as de nacht), mar in *min* aard hat se net (ferkeard karakter); do berikst mear mei goedens as mei *lilkens/lulkens*; de slimste pleagen foar in skipper binne in lek skip en in *lilk/lulk* wiif; muoike hie de hiele moarn in *min* sin (út jins hum wêze, in 'slecht humeur' hawwe) en no is omke ek al sa *lilk/lulk* (*nidich*, 'boos')

Ek: sa *lilk/lulk* as in *bolle/baarch/draak/holder/hûn/spin/seage/tuorre* (tige *nidich*); sa *min* as *strie/hea/potstro/pudding/putwetter/in mich* (tige slûch, wurch, yn net al te bêste kondysje)

VIII. Warber en sleau

36. **Ynfolje**: hy docht *war* om dêr beneamd te wurden (jins bêst dwaan, writen dwaan, besykje om, 'pogingen, moeite doen'); hy *sette* him tige te **war** (spande him tige yn), mar it brik him by de hannen ôf; ik kin hân noch foet te *war* slaan (kin my net bewege; de hannen *te war* slaan = in ôfwarrende beweging meitsje); te gau joech er de *war ferlern* (joech er belies); do moatst dy *warre* (dyn bêst dwaan, dy fiks ynspanne); War dy, myn bûk! Is de bûklaper dea? (wês net benaud datsto dy siik ytst, de dokter libbet noch; [iroan.] oanmoediging om in protte te

iten; *bûklaper* = hielmaster fan it plattelân); hy is warber as in *bij* (tige iverich); hja binne warber (iverich) en *gearhâldend* (sunich, diger); hy is stomme *warleas* op syn klean (sleau, ûnachtsum)

37. Sa ek: moarns withoe ier yn 'e *skrep* wêze (dwaande, warber, oan it wurk); se binne al ier *skreps* (dwaande, warber, oan it wurk); it skoft is dien, wy moatte wer te *skrep* (oan it wurk, oan 'e gong); de wegen wiene sa glêd, dat men hie gjin *skrep* (hâldfêst, 'zich niet schrap kunnen zetten'); Douwe koe by myn broer gjin *skrep* hâlde (Douwe koe it by it reedriden net fan him winne; Douwe koe net tsjin him ride); hy skrept him de *neilen* fan 'e *teannen* (hastich rinne, haast meitsje); altiten *skrepp*e en *skuorre* (*bodzje/klauwe/skaaie*) foar in pear sinten (altiten mar hastich, jachtich trochwurkje); hy is tige *skrepsum* fan aard (skrepperich, iverich, aktyf)

38. Tiidwurden foar 'swier arbeidzjen': hy *wrot* en *wraamt* de hiele dei (swier wurk dwaan, dreech arbeidzje); de knyntsjedagen binne út/foarby/oer/om (de fakânsje is om, de frije dagen binne wer om), moarn is it wer *adamjen* (swier, stoef arbeidzje om de kost te fertsjinjen); sân jier *boddet* men om ien goed jier (swier [grûn]wurk dwaan); men kin altiten mar *ezelje*, men hat nea dien (tige swier wurkje/arbeidzje); dat is gjin arbeidzjen mear, dat is *bealgjen* (swier wurk dwaan). Swier wurk dwaan: *adamje*, *bodzje*, *ezelje*, *hûdzje*, *pochelje*, *poddebûkje*, *slove*, *wrame*, *wrotte*

39. **Siswizen** oer **wurk**: hy is it wurk wol *treast* (hy is der tsjin opwoeksen, kin it oan); no, dy *spilet* oars ek net swak by (dy hat in grutte ynfloed); Bearn slacht noch altiten foar *master* op (hy is/spilet de baas); men kin net op alle *oasten* de *bile* sette (net op alle flaterkes oanmerkings meitsje, 'niet op alle slakjes zout leggen'); hy eint gjin grevel (grisseltsje; hielendal neat), it begjint my yn te b[a]arnen (ûngeduldich wurde, ûngerêst wurde); de húshâlding is har te mânsk, hja *ferslacht* deryn (hja kin it net mear oan; der net mear útkomme kinne); dat kin sa gjin *touwen* hâlde (giet mis; ek: bankerot reitsje)

40. **Ynfolje**: It is ommers dyn eigen *sleauwe* skuld (laks, neilittich wêze); dat fanke liket no ek altiten like *sleau* en *slûch* (hja hat gjin kriich, der sit net folle libben yn); hy hat de boel mar raar *fersleaukje* litten (ferwaarleazgje litten); it is *sleauwigens* fan my, dat ik der net om tocht haw (achteleazens, neilittigens); dat is ien, dy hat ek foargoed Evert op 'e rêch (hy is loai; ek: it oan 'e rêch hawwe); hy kin fan *loaiens* net út it stee komme (hy wol him net ynspanne, kin min earne ta komme); by de *itenspanne* is nimmen loai; sa loai as in *baarch*, te loai om nei de sinne te *sjen/om de iene skonk foar de oare te setten/om foar de duvel te dûnsjen/om brân te roppen* (tige loai)

IX. Gol en gjirrich

41. Oare wurden foar **gol**: **myld**, **foldiedich**, **goed**, **rynsk**. Boerinne is in *gol* minske (oerfloedich útdielend, net sunich, goederjousk), hja is ek *goed* foar de earmen (soarget goed foar har); omke hat de *mylde* hân iependien (royale hân); do likest hjoed in *rynske* rite te hawwen (in *rynske* rite = in royaal sin, in royale bui, *rite* = havenant lange tiidsromte, skoftke; koart duorjende stimming); natoer is in *foldiedige/foldédige* mem (woldiedich, gol; tige noflik of heilsum); fan syn *rynskens* sil nimmen rom sopje (syn royaal-wêzen; it *soppet* dêr net rom = it is dêr earmoede; sopje = yn in floeistof dippe om te weakjen); dy't te goed foar in oar is, is net goed foar himsels (goed wêze foar in oar kin op kosten gean fan jinsels; ferl. ek: goed foar jinsels wêze = jinsels al rêde kinne); hy is sa goed as *bôle*, as *koeke/in do/in skiep*, as er *heech* is (guodlik, tige freonlik)

42. **Ynfolje**: *rijens* is gjin rynskens (rij = net sunich, al te folle ferbrûkend; *rynsk* = royaal); hy giet der rij yn *lâns* (hy libbet rûch); hy giet der oan 'e *hoasbannen* ta troch (rûch, wyld libje, 'erg losbandig en verkwistend leven'); dat is *weismiten* jild (ûnnut útjûn jild, jild dat gjin rindemint hat); dat is ta weismiten *keard* (doocht nearne ta); dat minske hat in bulte *struien* nedich (hja kostet in soad jild; *struien* = strie, reid, gruden [grude = bosk strie; úterske nôtskeaf] of sân as bedekking fan de flier of stâl of bistehok], 'los stro, als voer of strooisel gebruikt'; wite hynders hawwe in bulte *struien* nedich [bedoarne pronkske froulju kostje in soad jild; *wyt hynder* = in frou dy't in soad jild útjout of kostet, 'pronksieke vrouw']; yn de húshâlding is it in *rijskâtel* (frou dy't te folle ferbrûkt of fergriemt; rij sleef, rijgat, rijkater)

43. Sa ek: har hiele libben hiene se kloek en *diger* west (*diger* = flink, iverich, kloek; sunich, 'zuinig, spaarzaam'); sa kloek as in *bij/de niten* (tige iverich), in *ierdwjirm* (tige sunich); hja giene der yn alles *sunich* bylâns (troch earmoede kloek wêze moatte); der moat wat útsunige wurde (besparje troch sunich te wêzen); by *sunich* rinnen binne wy der yn in heal oere (stadich, mei net folle faasje); pake rûn o sa *súnstjes/sunichjes* (stadich, net fluch). Ferl. ek: *súnstjes* prate (sêft, stil, net lûd prate)

44. **Fûl** yn goede en tsjoede betsjutting: do moatst helte *fûlder* wêze (fanatiker); dat is in *fûle* boer (gjirrige); dy jonge is fûl op 'e *fertsjinst* (hy begeart tige in ynkommen, stribbet fanatyk lean, salaris nei, 'tuk zijn op'); sa fûl

as in *earn* ('arend, adelaar'), *foarke*, *skjirre*, *âld klok*, *els* (tige gjirrich wêze); dat guod is *fûlfrettende* fûl (skerp bitend); *fûlfrettende* gjirrich (tige gjirrich)

Ferl. ek: sa *fûl* as in *hoanne/in âld roek/in brims* ('brems, soort steekvlieg; horzel; wesp')/in *kat/de nacht/in njiirre* ('adder')/in *t[s]jirk* ('tureluur'), in *wikel* ('valk') (tige skerp, fijannich wêze)

45. **Siswizen:** hy sit deun oan it *kâlde* (hy hinget oan it kâlde *jild*, 'is zeer gehecht aan het koude [geld]'; kâld jild = jild yn muntstikken, 'baar geld'); de *earen* sitte jin deun oan 'e holle (*itselde*: 'zeer gehecht zijn aan 't koude geld'); hy wol foar in sint wol dea as er *foar in healtsje wer libben kin* (tige gjirrich wêze); hy is slim fan de *behâldende* partij (is konservatyf; fûl); dat is ek ien fan *Knyphuzen!* (dy is gjirrich, sunich; ferl.: *hy is net fan Jousumbuorren, mar fan Knyphústerbuorren*); oare wurden foar in gjirrigert: in *nepert*, in *ynklawwer*; by **nepert** it tiidwurd **nipe** (nipe = knipe (benammen tusken finger en tomme);[fig. fan omstannichheden] dy't de minske benearje, benaud meitsje, dy't druk lizze op; as it nypt en wer/weder *nypt* = yn it uterste gefal, as it der op oankomt, 'als het nijpt [en weer nijpt]', 'als de nood aan de man komt'; in *nipend* tekoart); op 't *nipen* ôf (op it nipperke, krekt op 'e tiid). Ferl. ek: it sil *nipe* (it sil wringe, swierrichheden jaan, derom spanne)

X. Freonlik en brimstich

46. **Ynfolje:** hja wiene jûns te *freonpraten* (op besite by freonen); hja wiene wakkere *freonhâldend*, de omgong duorre al jierren (hja koene de freonskip goed ûnderhâlde); do meist wol oppasse en meitsje gjin *kweafreonen* ('kwade vrienden'); binne jimme oaninoar *besibbe?* (troch bloed, famyljebannen oaninoar ferbûn); nee, mar syn heit wie in *sib* freon fan mines (in neiste freon); it is *sib* wurk/spul mei dy twa (se hawwe serieuze ferkearing); mei ik jo dat *minlik* fersykje? (freonlik freegje); ik soe dat *minlike* graach wolle (tige graach); *hoaske* lêzer (hoask = hoflik, freonlik foarkommend en trouhertich), slaan dit yn 'e jamkste fâlde (eat yn de jamkste fâlde[n] slaan/belizze = eat goedprate, eat dat ferkeard gien of dien is, yn oarder meitsje, eat oersljochtsje, 'met de mantel der liefde bedekken, vergoelijken'; jamsk = goed, gunstich; fâlde = ploai, tear)

47. **Siswizen:** hy waard dêr wakker *let* en *set* (hy waard freonlik, gastfrij behannele); hy wie dêr *oates* en *toates* (hy wie dêr tige thús, kaam dêr faak oer de flier); der waard alle *sier* en *tier* oan him dien (der waard muoite en jild oan him bestege om him grutter of moaier te meitsjen; hy waard eare; hy waard ryklik ûnthelle); do moastst him wat op 'e *lije side* oankomme/oankrûpe (do moastst flaaikje om wat by him te berikken, 'iem. in het gevlj [nèt: 'gevei'] komen, iem. gunst of vriendschap zoeken'); hy hâldt muoike tige foar *eagen* (muoike wurdt tige achte); it is frjemd, hy *saant* noch *maant* ús mear (hy falt ús net mear lestich mei easken, rieplachtet ús net); dêr hasto my tige mei yn de *klean* stutsen (my in tsjinst mei bewiisd dêr't ik tige mei yn it skik bin); men moat him wat witte te heinen en te slaan (him heine en *slaan/fiere/keare/troaie/wage* = him wat taktysk oanpakke, wat tajaan, nei de mûle prate, 'iem. op verschonende wijze behandelen, iem. naar de zin praten'; heine = [op]fange), te hoaien en te *troaien* (troaie, *troaie/troaikje* = tefreden stelle; yn kalme, tefreden stimming bringe, 'iem. paaien, het iemand naar de zin maken, bij iem. in het gevlj trachten te komen'; *hoaie* = immen tige goed fersoargje; mei immen omflaaike; immen flaaikjend foar jin ynnimme wolle, 'koesteren, verzorgen')

48. **Siswizen** oer ferkearing en sa: hy mei har wol *lije*, hy hat *sin* oan har, hy hat *bestek* op har (sin hawwe oan har, graach lije meie); hy hat in *griene* rite (hy hat in bui fan ferealens), hy is *mâl* mei har, *sljocht* om har; oarsom: ik mei him net *lije*, ik haw it *mier* oan him (in hekel), it *grou/grau* op him (in hekel), ik kin him net *sette*, ik mei him foar myn *eagen* net sjen, ik mei him net *sykjen* hearre (*sykheljen*; snuven, snoarkjen)

49. **Ynfolje:** hy andere mar wat *koart* (gau lulk of driftich, 'kortaangebonden'); hy hat in sin as in *baarch*, hy is sa *brimstich* (hy is yn in ûngeunstige stimming, is samar rekke, noartsk en kiezzich, 'bars, nors, korzelig') en *noartich* dât; hja bleau de hiele jûn sa *noartsk* as in *baarch* (noartelich, noartlik, noartich, noartsk, 'nors, bars, onvriendelijk, knorrig, gemelijk'); as ik deroer begjin, wurdt er dalik wat *kidelich/kiezzich* (kidelich = 'lichtgeraakt'; kidelhoarnich, 'kittelorig'; kiezzich = 'lichtgeraakt; nors, humeurig'); der is net mear mei him te ferkearen, *wrantelich* (ûnderdrukte argewaasje uterjend, spitich, 'wrevelig, ontstemd') en *koartkearich* (gau lulk, driftich, 'nors, gemelijk'), dêr is de ein fan wei; hja wie sa nidich as in *spin*, as in *tuorre* ('tor')

50. **Sa ek:** in minske sin is in *minske libben* (in minske is pas echt lokkich, as er it nei it sin hat); sin/nocht en wille (kin)ne folle *tille* (as men mei nocht en plezier te wurk giet, dan kin men hiel wat tsjinslach ferneare); in tsjustere moarn jout wolris in *fleurige* dei (wat min begjint, kin noch wol goed ôfrinne; tsjuster = tryst); doch dyn plicht en lit de lju (mar) *rabje* (doch watst sels goed achtest en lûk dy neat fan it praat fan de minsken oan; *rabje* = kweasprekke, op in ûngeunstige wize oer immen prate); sizzen/praten is neat, (mar) dwaan is in *ding* (mei praten allinnich berikt men neat); koarte reden/wurden en dy fêst, *slute bêst* (koart en goed is dûbeld goed; yn âlder Frysk: *Lijtse Wirden, end dy fest, Dy slute best, Koarte wirden en dy fêst, seit ús heite, slute bêst*, gjin omhaal fan wurden, mar klare taal is it bêste, in pear wurden en dochs foldwaande)

XI. Each en ear

51. Ynfolje: do moastst net ferjitte, it **each** wol *sines* hawwe (it uterlik is ek wichtich); hy leit al lang mei it *fel* oer 'e eagen (hy sliept al lang); it each is grutter as it *liif*, liket it (as ien syn iten net op kin); ik moat sizze, ik haw al lang in *skean each op* him hân (ik haw him net betroude; ek: in *skalk* each hawwe op immen = ien net fertrouwe, wantrouwe); it wie foargoed wier, mar it mocht gjin *each hawwe* (it moast geheim bliuwe); dat hat *gjin each* sa (it toant net); it wie in hiele skower, hieltiten *each* yn 'e wyn (*flak/lyk/stôk* yn 'e wyn; rjocht tsjin de wyn, luchtstream yn). Fierders: eagen as in *falk/gitten* (kralen fan *git*; *git* is in swart mineraal; in *gril* (soarte fan snip, fûgel)/in *liuw/taffelsbuorden/taffelsbuordsjes/teepantsjes*

52. Sa ek: hy sjocht as in *ûle*, as in *tuorre*, as in *liuw*, oft er ien *op* hat en de oare *krije* sil (tige lulk sjen); dat kinsto mei in *heal* each wol sjen; ik seach my dêr de eagen út 'e *holle* (tige ferwûndere wêze, in soad nijs sjen); it wie muoike derom te rêden it spul (de boel) wat troch it te *gat* te sjen/gnuven (de saak bespionearje; earst besjen ear't men hannelet); hy sjocht de wrâld altiten troch in *pijlekkense* bril (hy is pessimistysk; de dingen net goed sjen, net goed beoardielje; *pijlekkens* = rûge wollen stof, flanel, baai).

Fierders: *sjen* as in *alk/bolle/earn/falk/filekaan/fûlekaan* (fûlekaan = in lestige, fûle, nidige frou, fekke, fûlekat, pilekaan); en ek: *sjen* as in *ka yn 'e skoarstien/in liuw/in snijer* (in snijer = in snijersbaas, fjochtersbaas; 'woest, doordringend kijken')/*toffel/(jûn)tuorre/twinterbolle* (in swarte, lulke gesichtsútdrukking hawwe; twinterbolle = in bolle fan twa jier); *sjen* as in *ûle* (doe't de sinne him oer 't mad kaam), in *wikel* (swart, lulk sjen); *sjen as hie men de pacht fan jittik/in lot op in jittiksfet* (soer sjen)

53. Gearsettings mei **-sjen** en **-eagje**: ik haw my raar op dy man *fersjoen* (him ferkeard beoardiele); soesto dy lytse jonge in *loech/loef* ôfsjen? (de jonge te fiter hawwe, misliede, 'iem. een lelijke trek spelen, poets bakken'; loef = kant fan it skip dêr't de wyn op stiet, 'windzijde van het schip'); it ein fan Starum oan Inkhuzen ta kin men by klear waar *ûteagje* (oan 'e ein ta oersjen); de jongelju binne nei Ljouwert ta om húsrie út te *sjen* (sykje om húsrie, om it te keapjen); no kinne wy hast de ein *besjen* (de ôfrin sjen, helje); fan Holwert ôf kin men it Amelân skoan *beëagje* (waarnimme); dat stiet noch tige te *besjen*, tinkt my (dat is net wis); sa'n bytsje jild, dêr kin men it net foar *besjen* (de kosten binne heger); ik haw soarch, dat jild kinsto wol *neisjen* (it jild bisto moai wis kwyt, dêr kinst nei fluitsje)

54. In synonym fan **sjen**. Ynfolje: it wie al skimerich wurden, dat hy *dikere* op it briefke om; hja siet de hiele middei foar it finster te *kueren/kuereagjen*; it seemanswiif *fierke* nei har mans skip; hy *digere* de keale púndyk lâns, mar der kaam nimmen; krekt seach ik dat hja om it hoekje *kipe*; skofte koe hja sitte te *stoareagjen* en nimmen wist wat der yn har omgie
Under Gysbert Japiks syn byld stiet: 'Loaitser, nim it foar leaf'; 'loaitser' wol sizze: ien dy *lôket* en betsjut dus *taskôger* (ferl. it Ingelske 'look')

55. Siswizen mei **earen**. Ynfolje: de boer leit efkes op *ien ear* (leit te sliepen); ik leau, hy lit it ear der wol nei *hingje* (wol op in út-/foarstel yngean wolle); it kerwei/krewei is no al sa fier hinne, it is op in ear nei *feld* (it is sa goed as klear, dien); do moastst net tinke dat ik my earen oan 'e holle *naaie lit* (ik lit my neat wiisheitsje); de earen sille dy jit/noch wolris *bekôge* wurde, heite! (do silst it noch wol ris ûnderfine [dat it net altiten like foarspoedich giet], 'je zult nog wel eens wat anders ondervinden dan een weelderig leventje'; *heite* is in *ynterjeksje* of *útropwurd* ['tussenwerpsel']): 'jongen, baas, vadertje!'; hy harke mei *sân pear* earen (hy harke hiel goed), oft him *lij wetter* yn 't ear getten waard (hy harke mei nocht)

Fierders: spek efter de *earen* hawwe/spekswurden foar de *earen* hawwe (sein fan immen dy't docht as heart er neat, 'Oost-Indisch doof' is); mei steande *earen* (tige lulk)

XII. Holle en hert

56. Ynfolje: al wierret it ek noch sa tsjin, men moat de **holle** derby *skuorre* (moed krije); no do koest fan 'e moarn ek wol in ferkeard *stee(d)* yn 'e holle hawwe! (do bist net te brûken, 'jij bent knorrig, slecht gehumeerd en onhandelbaar'; steed = wûne, plak; in iepen/sear *steed* = 'ziekelijke plek'); hy is net goed mei de holle, wol sizze *net by syn ferstân* (geastlik net ynoarder); hy hie it yn 'e holle, kin betsjutte *pine yn 'e holle* en *wie it fan doel*; men kin nea witte wat jin oer 'e holle *hinget* (wat jin noch te wachtsjen stiet)

57. Sa ek: ik haw der gâns *holbrekken* mei hân (geastlike ynspanning, ynspannend tinkwurk levere); dat baaske hat in goed *holwurk* (ferstân, geastlike fermogens); studearjen is gjin *leabrekend* wurk, mar *hollewurk* fereasket ek in man (*leabrekend* wurk = swier wurk dat mei de lea dien wurdt); by in bêd praat men fan: **de hollenein** en **de fuottenein**; hoe hat er dat yn 'e holle krige? (mear folkseigen: it yn 'e *kop*, *plasse* krige; hoe hat er it betinke kinnen; hoe komt er derby [om sa ûnferstannich te wêzen])

58. Sa ek: no dêrfoar omstrûpe, dat is myn *kop* net (it no net oandoare, der no foar omlizzen gean, dat is myn bedoeling net; dat is my net nei't sin); hy hat in slach makke, dat guod giet fier **oer** 'e *kop* (giet mear as 100% yn priis/wearde omheech); dat lytse pjut sit in *kop* op, dat sis ik dy (dat pjut hat in helder ferstân, is skrander); dy jonge moat der fansels wer **op** *kop* en *earen* by (der hielendal by wêze, him mei alles bemuoie); hy sit **oan** *kop* en *earen* ta yn 'e skuld sitte (der hielendal, djip ynsitte), en is ek al ris earder **oer** 'e *kop* gien (fallyt gien); de kom is *oan* 'e *kop* ta fol (tige fol, 'zit boordevol'); dat is my ûntgien, ik haw it grif *oer* 'e *kop* sjoen (net opmurken)

59. In mennich siswizen mei **hert**: de fûle boerinne tinge de kuorkerinstert it hert út it *liif* (hja tinge safolle mooglik ôf by har; ôftingje = 'afdingen'; ferl.: it fjoer ûnder de neilen wei *tingje*, 'erg afdingen'); hy moat in skoft lizze, mar hy is oars *sûn* fan herten (hy is fan binnen sûn, mar hat mooglik útwindige lekken en brekken); wy moatte it hert ris *kjel* meitsje, tinkt my (wy moatte mar in buorrel drinke, in slokje nimme); it hert slacht my derfan yn 'e *kiel* (ek: oan 'e *kiel* ta), it slacht my as in *lammesturt[sje]* (ek: *bargesturtsje*); it slacht my *achtentachtich* (it hert kloppet tige fûl); hy hâldt him gemiensum, mar it hert sit him *heech* (hy is eigenwiis, heechmoedich; jin *gemiensum* hâlde = as gelikens mei immen omgean, freonlik; hy draacht it hert *heech* = hy is eigenwiis, heechmoedich); ik wol wol wêze, hy *krige* my suver by it hert (hy rôp begrutsjen, meilijen by my wekker); asto it hert yn it *liif* (yn 'e bealch/yn 'e hûd) hast en doch dat, dan sil ik dy fine, heite! ([warskôging] weagje it ris!)

60. Sa ek: dat binne guon mei twa *magen* en gjin hert (dat binne selssuchtige, leafdeleaze lju; ek: 'schertsend [zeggen de meisjes 't] van jongens die nooit uit vrijen gaan'); men moat alle *herten* by jinsels/by jins eigen rekkenje, dan is men nea sa fier mis (men moat eltsenien neffens jinsels oardielje; ek: hy rekkenet alle *herten* by himsels = hy is egosintrysk); wylst oaren ride, moat Pibe thúsbliuwe, dat is al *hertsearich* foar him (dat bringt hertsear mei, dat is sneu foar him; hy is teloarsteld)

Ferskaat

61. **Hân**: hy hat my raar wat út 'e hannen *brocht/arbeide* (hy hat myn belangen of wurk skea dien, 'iets van iem. beschadigen; iem. in iets benadelen'); hy bringt alles mei de *waarme* hân oer (alles daliks oerbringe, fertelle); dat is op dy manear gjin hân[s] foar *foet[s]* (it is net [hielendal] sa't it heart)

62. **Foet**: no sit er raar mei twa fuotten yn ien *hoas* (sit er yn ferlegenheid); omke hold altiten de foet by de *kûle* (hy bleau by syn miening, 'voet bij stuk houden'; ek: hy wie sunich, oppassend); wy moatte mei oan 'e efterste foet *lûke* (hastich rinne; ús bêst dwaan, 'zijn best doen om maatschappelijk vooruit te komen')

63. **Mûle**: do moattst net altiten de mûle sa *wille/bod* jaan (do moattst net sa'n soad prate [benammen net oer oaren], 'aan zijn praatzucht toegeven; kwaadspreken; schelden'); it fanke hat wer de mûle yn *beide hannen* (seit te gau wat, praat te folle); hy is syn heit ta de mûle út *stapt/snien* (hy liket tige op heit, 'de gelijkenis is groot')

64. **Noas**: *hingje* him benammen net alles oan 'e noas (fertel him net alles); hy seach *skean* by de noas del (hy wie teloarsteld, 'hij keek op zijn neus'); dy't in noas hat (gjin houten noas hat), kin *mar rûke* (dy't him skuldich fielt, begrypt dat de taspiling foar him ornearre is, 'wie de schoen past, trekke hem aan')

65. **Lea**: ik hold my de lea *stikken/útinoar/wurch* (ik ferwachte it slimste, wie bang, siet fol spanning; jin de lea ['ledematen'] fêst, sear, *stikken*, wurch hâlde, 'in een gedwongen moeilijke houdig zitten, vol spanning zitten, het ergste vrezen'); do kinst my ek alles wol op 'e lea *plakke/skowe* (my in karwei útfiere litte datsto sels leaver net dochst, 'iem. met een [minder aangenaam] karweitje belasten; iets op iem. afschuiven; iem. van iets de schuld geven'); do kinst my ek alles wol op 'e lea *smarre* (= wiismeitsje, 'iem. iets op de mouw spelden, iem. voor de gek houden'); hy is it wurk wol *treast* (kin it wurk wol oan), hy *hat* wol lea (hy is lichaamlik sterk)

66. Om **sterkens** en **gruttens** út te byldzjen: hy hat in rêch as in *barte* (in brede rêch hawwe; barte = losse houten brêge sûnder lining oer feart of sleat, meast bestaand út twa parten, dêr't fee of weinen oerhinne kinne; losse brede planke oer in sleat as part fan in rinpaad, 'los houten bruggetje of plank over sloot of vaart'), hannen as *slaaïen* (grutte brede hannen; slaai = 'slegge', grutte houten hammer, benammen brûkt foar it ynslaan fan peallen), skonken as *skuorstilen*, eagen as *itenspannen/tafelbuorden*, earen as *wannen* (tige grutte earen hawwe; wannen = swurden; *wan/swurd* = beweechber, ovaal houten boerd oan 'e sydkant fan platboaiems, om ôfdriuwen en omslaan tefoaren te kommen; ek: earen as *klompsokken*, *swurden*), in lûd as in *bolle* (in tige foars, krêftich lûd)

67. Men seit: in bern as in *blok* (in grou bern); in faam/frommes as in *lôge* (in foars, kreas en feardich frommes, 'een gezonde, stevige vrouw'; *lôge* = 'vlam'); in keardel as in *beam* (in fikse, sterke man; spotsk: in keardel as Karst en Karst wie in keardel as in ûnderdoar [hy sprong oer in strie oft it neat wie]; humoristysk sein fan in lyts persoan dy't himsels hiel wat ferbyldet)

68. **Sin:** mei ik jo dat yn 't sin *bringe?* (mei ik jo op eat wize, te binnen bringe)?; it is my troch it sin *gien/gongen* (ik haw der net oan/om tocht; eat ferjitte, earne net by stilstean); it hat my nea út it sin *west* (út myn tinzen west)

69. **Sin:** hy hat it net mei *opset(sin)* dien (hy wie it net bewust fan plan, hie it him net willemoeds foarnommen); dy faam hat in bulte sin oan moai (hja mei graach wat moais drage, 'van opschik houden'); syn sin is der mar op *fallen* (it sin falt derop = hy woe dat it leafste hawwe, 'dat heeft de voorkeur, dat wordt uitgekozen')

70. **Sin:** der is net mei him te ferkearen, hy hat in sin as in *baarch* (hy is yn in ûngeunstige stimming, docht noartsk); omke hie in goed sin, mar muoike in *min* of *ferkeard* sin (in minne moedsstimming, 'slecht humeur')

71. **Moed:** ik haw der mar in *swak* moed op dat der wat fan op 'e hispel komt (ik haw der net folle fertrouwen yn; der *swak*, swier moed op hawwe = net folle hope hawwe op of fertrouwen yn eat); ik haw der net rjocht myn moed *oer* (ik bin net rjocht tefreden); it moed waard it âldminske *fol* (*weak*) (se rekke oandien; se waard sêft fan moed, it begrutte har; it moed = 'gemoed'; it *moed* waard/sjit har fol; it hege *moed* komt my op, 'ik word ontroerd, aangedaan')

72. **Gean:** dat giet salang as it *fuotten hat* (it giet salang't it duorret); it is dyn skuld, do hast him *geande* makke (him lulk, poerrazend makke); ik bin sawat geande en *steande* (yn beweging; dwaande, oan 'e gong)

73. **Stean:** dat is iten, dat *stiet by de man* (dat is streksum, 'stevige kost'); ik stean dy *heal* (ik draach de helte fan it risiko, doch foar de helte mei by winst en ferlies); hy beart tige, mar hy *stiet der net foar* (hy makket gâns ophef, sprekt der tige fan, mar komt syn ferantwurdlikens net nei)

74. **Sitte:** sa hat it sitten, sei 't wyfke, en hja *paste de diggels oaninoar* (diggel = 'scherf'); de polysje siet de streuper nei op 'e *hakken* (ien op 'e hakken sitte = efterfolgje, nei-oan wêze); ik haw soarch, wy moatte it sitte *litte* (ik bin bang dat wy it oerjaan moatte fanwegen tekoart oan moed, krêft)

75. **Rinne:** hy rint as in *hazze/ljip/dief/foks/wynhûn/skelm* (hy rint tige hurd); dat rint as in *liere/wekker/wiele* [= tsjil, spinwiele]/as it *spoar* (dat [fer]rint tige flot); liere = draailiere, wine, 'soort hijswerktuig, windas'); dy't rint mei de koer, dy hat *wat oer*; dy't rint mei de sek dy hat *wat brek* ('wie met een mand loopt venten, heeft iets te missen; wie met een zak loopt bedelen heeft aan iets gebrek')

¹ Metonymia is byldspraak, in stylfiguer wêrby't it bedoelde ferfongen wurdt troch in oar begryp dat der ferbân mei hâldt, bgl. *grize jierren* foar *âlderdom*.

² Ut: Nynke fan Hichtum (skûlnamme fan Sjoukje Bokma de Boer, frou fan Pi[e]ter Jelles Troelstra), *Der wie[r] ris in âld wyfke* (1908), in âld steapelferhaal oer in frou dy't in baarch op 'e merk keapet dat net mei nei hûs ta wol. It is in bekende Fryske fertelling dy't al yn de *Rimen en Teltsjes* fan de bruorren Halbertsma yn de útjefte fan 1834 stie en útkaam yn in printeboekútfering mei grutte kleure en swart/wytplaten fan Tseard (Tjeerd) Bottema. It *Ald wyfke* waard in sukses en is it iennichste boek dêr't Sjoukje by har libben fan meimakke hat dat yn it Hollânsk en it Frysk ferskynde.

Der wie ris in âld wyfke ...

Der wie ris in âld wyfke en dat wyfke fûn in **houten skeisen** ['duit', 5/8 sint] ...

Hja gong dermei nei de merk om der in **baarch** foar te keapjen ...

Mar de baarch woe net nei hûs ta rinne, as [of] hy moast nei hûs ta dragen [droegen] wurde ...

Doe gong it âld wyfke nei de **hûn** en sei:

Hûn wolsto baarch bite?

De baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Nee! Sei de hûn...

Doe gong it âld wyfke nei de **stôk** en sei:

Stôk wolsto hûn slaan?

Hûn wol gjin baarch bite en de baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Nee! Sei de stôk ...

Doe gong it âld wyfke nei it **fjoer** en sei:

Fjoer wolsto stôk baarne?

Stôk wol gjin hûn slaan, hûn wol gjin baarch bite en de baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Nee! Sei it fjoer ...

Doe gong it âld wyfke nei it **wetter** en sei:

Wetter wolsto fjoer úteaze?

Fjoer wol gjin stôk baarne, stôk wol gjin hûn slaan, hûn wol gjin baarch bite en de baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Nee! Sei it wetter ...

Doe gong it âld wyfke nei de **ko [okse]** en sei:

Ko wolsto wetter sline?

Wetter wol gjin fjoer úteaze, fjoer wol gjin stôk baarne, stôk wol gjin hûn slaan, hûn wol gjin baarch bite en de baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Nee! Sei de ko ...

Doe gong it âld wyfke nei de **line** en sei:

Line wolsto ko bine?

Ko wol gjin wetter sline, wetter wol gjin fjoer úteaze, fjoer wol gjin stôk baarne, stôk wol gjin hûn slaan, hûn wol gjin baarch bite en de baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Nee! Sei de line ...

Doe gong it âld wyfke nei de **mûs** en sei:

Mûs wolsto line frette?

Line wol gjin ko bine, ko wol gjin wetter sline, wetter wol gjin fjoer úteaze, fjoer wol gjin stôk baarne, stôk wol gjin hûn slaan, hûn wol gjin baarch bite en de baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Nee! Sei de mûs ...

En doe gong it âld wyfke nei de **kat** en sei:

Kat wolsto mûs pakke [krije]?

Mûs wol gjin line frette, line wol gjin ko bine, ko wol gjin wetter sline, wetter wol gjin fjoer úteaze, fjoer wol gjin stôk baarne, stôk wol gjin hûn slaan, hûn wol gjin baarch bite en de baarch wol net nei hûs ta rinne, as hy moat nei hûs ta dragen wurde ...

Ja! Sei de kat!

En doe fleach de kat efter de mûs, de mûs efter de line, de line efter de ko, de ko efter it wetter, it wetter efter it fjoer, it fjoer efter de stôk, de stôk efter de hûn, de hûn efter de baarch ...

En doe wie it **huorre, huorre, huorre ...**

En dêr fleach de baarch yn de skuorre ...

³ As Burmania-sprekwurd (17^{de} ieu): So lang as wijn waeyt/ hoonne kraeyt/ bëm rijcket/ en stoock stycket/ schil de kæp stæn (in fariant fan in ivichheidsformule); Nijfrysk: Sa lang as wyn waait, hoanne kraait, beam ryk wurdt en stôk stiket, sil de keap stean. Aldfrysk: Alzoe lange alser wyndt wayd, kyndt schrayet, gers groit en baem bloyt (1463); So langh als ghers groyth, baemm bloyth, hond wyket, stoeck styket, wolken byden hymel dryuwet (1506). De measte Fryske ivichheidsformulen komme yn oarkonden foar dy't mei in saneamde 'ferdban' te krijen hawwe. Dat is in rjochterlik ferbod om nei in keap, skinking of ruiling de nije eigener fan ûnreplik goed yn it besit dêrfan oan te taasten. Mei de formule wurdt oanjûn dat de 'ferdban' ivich jilde sil (F.J. van der Kuip, *De Burmania-sprekwurden*. Ljouwert: Fryske Akademy, 2003, s. 574)

⁴ Waling Dykstra, *Friesch Woordenboek* (1900-1911): faer, m. *pater*, vader, echter niet als vocativus, noch van eigen; alleen van derden. Ferl. (ferachtlik): Dy fint wol net doge, No, de faar wie ek gjin bêsten-ien; ek: nee *fader*, sa sille wy net; de *faar* fan ûnwaar = in *ûnwaarsrypke* – 'lichte, kortstondige nachtvorst, vaak bij krimpemde zuidenwind, waarna de lucht 's ochtends slecht, onstuimig, stormachtig weer voorspelt'; *krimpemde* wyn: wyn dy't troch it noarden nei it westen of troch it westen nei it suden giet).

⁵ Ferl.: F.J. van der Kuip, *De Burmania-sprekwurden*, 2003, s. 326; ealgje de *alliterasje* (it stêfrym of Germaansk rym), 'begjinrym', 'begjinletterym' of 'begjinlûdrym': it gelyk-wêzen fan begjinklanken, benammen fan bylûden op plakken dy't klam krije: **bern** noch **boet**.

⁶ *Stedskyn by it wiif wêze* = neat by jins frou yn te bringen hawwe; steds-kyn = ien dy't benammen fanwegen in te rij en rûch libben ûnder kuratele steld wurdt; in opmakker, trochbringer, weismiter)

⁷ *Moster* = 'mutsaard', takkebosk foar in brânsteapel). Ferl.: te *moster* en te lôge/leage gean, d.w.s. ferlern gean, 'te mutserd en ter vlamme: te niet, verloren gaan' (lôge/leage = flam)

⁸ Alderheljen: feestdei op 1 nov. ta eare fan hilligen; **Ald** Alderheljen: 12 nov. neffens de Gregoriaanske kalinder (en 1 novimber neffens de Juliaanske kalinder); **Nij** Alderheljen: 1 nov. neffens de Gregoriaanske kalinder. Ferl.: Hja komme Maeije en Alderhillgen allinne yet yn de haedsted om by lanhearre op bisite to gean [T.E. HALB., 1894], 'De dag waarop volgens een overoud gebruik huur of pacht moet betaald worden; en de dienstboden uit hun dienst gaan').

Alde maaie: 12 maaie (wie neffens de âlde [Juliaanske] kalinder 1 maaie). ‘De maaie’ wie fan âlds it momint dat de hier- of pachtkontrakten ôfrûnen, arbeiders en feinten nei in oare baas gongen, minsken ferfearen/ferhuzen en trouden. Oant 1700 wie dat de feestdei 1 maaie, mar dat feroare mei de korreksje op de (Gregoriaanske) kalinder yn 1701. It jier waard dêrfoar mei 11 dagen ferkoarte, sadat it jierkontrakt dat yn 1700 ôfsletten wie, net earder as op 12 maaie ôfrûn. Op dy dei waarden nije kontrakten sletten, en dy rûnen ek wer in jier troch. Sadwaande waard de feestdei op 1 maaie tenei ‘nije maaie’, en de dei dat de kontrakten ôfrûnen ‘âlde maaie’. *Friesch Woordenboek* fan Waling Dylstra (1900-1911, s. 25): ‘Alde Maeije, 12 Mei, – âlde Allerheljen, 12 November, naar ouden stijl (de Juliaansche tijdrekening), het begin der maand Mei en Allerheiligendag.’⁹ Ald *jild*, âld *hea*, âld *brea* komme nimmen net te skea. *Friesch Woordenboek* fan Waling Dykstra (1900-1911, s. 25-26): ‘Ald *jild*, âld *hea*, âld *brea*, stiet yen wol to stea, – komme nimmen net to skea. Burm. – Nu: Ald *jild*, âld (overjaarsch) *spek*, âlde *turf*, âld *hea*, en soms er bij: âlde *tsiis*. Het eerste had men ‘eften ’t linnen’, het tweede in de ‘spekkiste’. Thans komt dit in Friesland weinig meer voor: turf en hooi-voorraad voor langer dan een jaar nog wel.’ Ek: âld *jild*, âld *hea*, âld *brea*, stiet jin wol te stea; mei âld *jild* en âld *hea* [*brea*] slacht men grif de honger dea.

¹⁰ Op âld *iis friest* it fûl: in útskuorde, ferbrutsen en letter op ‘en nij begûne ferkearing liedt gau ta in houlik; âlde gevoelens fan haat of leafde binne samar wer oanwakkere; *Friesch Woordenboek* fan Waling Dykstra (1900-1911, s. 26): ‘Fig.: van een vrijerij die uit geweest is; dan wordt ’t meest trouwen! Ook als iemand den vorigen dag dronken geweest is en weer begint.’